




Doarpskrante

Linepraat

Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum

- Bezoek Minister Jetten
- Jaaroverzicht Reduzum
- Baukje Wytsma



Febrewaris 2023

Linepraat

Doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum, ferskynt 11 kear yn 't jier op é leste tongersdei fan de moanne, útsein yn de moanne july.

Oplage: 585 eksimplaren

Kopy kin oanlevere wurde fia: linepraat@gmail.com **yn Word lettertype Verdana 9. Tekst NET oanleverje yn pdf.**

De **redaksje**: Henk Korf, Sietie Boersma, Geesje Oosterloo, Marjan de Jager, Jantsje Kalsbeek, Janet Wijnstra en Dirk Vermeulen.

Korreksje: Gerrie de Leeuw

Printwurk: Theo v.d. Woud en Renus von Bannisseth

Oare Meiwurkers: Alie Fennema, Loekie Renia, Zus Tiesema, Thyske Oosterhof, Boukje Zijlstra, Annet de Vries, Minke v.d. Haak, Klaasje Sikkema, Griet Hofstra en Geeske Smorenburg.

Leden: Alle ferienings út de doarpen binne lid. Hja betelje in fêste bydrage en kinne dan fergees eltse moanne harren teksten oanleverje

Advertinsjes:

De advertinsje kosten krije jo op oanfraach. In advertinsje perioade rint meastentiids fan augustus o/m juny. Tuskentiids pleatse of feroarje is wol mooglik.

In frijwillige bydrage is altyd wolkom op bankrekken nr. NL12 RABO 0356252612

Ynwenners fan de fjouwer doarpen krije de Linepraat fergees, omdat eltse ynwenner lid is fan in feriening.

De "postadressen" betelje € 25,-- yn 't jier.

Hawwe jo net in Linepraat krigen, nim dan kontakt op mei Geeske Smorenburg til.602164

By kopy, dy't letter binnen komt jouwe wy net de garânsje, dat dizze pleatst wurdt. De redaksje mei kopy wegerje en ynkoartsje. Fierders binne hja net oanspraaklik foar de ynhâld. Oankundigingen en oare kopy wurdt mar ien kear pleatst, útsein de ferslaggen fan jiergearkomsten.

Ynhâldsopjefte

Yn dizze Linepraat o.a.:

Foarwurd	1
Aginda/Ald Papier	2
Baukje Wytsma	3
Wisten jo dat....	4
Toaniel Friens	11
It stikje fan Koos	12/13
Bezoek Minister EZ&K	15-17
Reduster Kerkkoor	17
Jieroersjoch Reduzum	18-20
Jaaroverzicht Reduzum	20-23
Jeugdwerk Friens	23
Hawker Hunter	25
Straat van de Maand/Fryske Keuken	27
Op é kofje by...	29-31
Kerstbomenactie	31
Afvalheffingen	32/33
Vergoeding Energiekosten	34
De dierenarts vertelt	35
Mededelingen	37
Doarpsbelang Reduzum	39
Toaniel Idaerd	40
Warme Wintermiddei	41
Oude Polissen	43
Energieprijzen	44
Doarpsmûne	45
Verborgten Verleden	46
Toaniel Reduzum	49
Zonnepanelen/DWEI	51
Hervormde Gemeente	52
Voetbal/Gymnastiek/ Korfbal	53/57
Skoalle	58/62

Foto foarblêd: Iisbaan dec 2022 (Jeroen van Dijk)

Linepraat

Doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum.



Foarwurd

Hilverdafûns.

De keatsclub hat syn Eelke en Anne-partij. In keatswedstryd, wêr bij 't de prizen betelle wurde út in legaat fan dizze beide minsken.

Kuorbal hat syn Club fan fyftich, sympatisanten dy't elts jier fyftich euro skinke, Jan Reitsma hat ek sa'n groep freonen.

It doarp Reduzum hat syn Hilverdafûns. De bruorren Jan en Anne wennen achter de buorren, twa frijfeinten, wêr't de iene wie, wie de oare ek, hiel faak op 'e kuier troch it doarp. Altyd yn foar in praatsje, it makke net út as je it net goed ferstiene, want wat de iene sei, werhelle de oare noch efkes.

Poerbêste minsken mei in kreas túntsje, de rûchskerne mei âlde hynstedong fan de Holwerda-Sate lei op skeppe-ôfstân foar de doar.

Doe't de beide mannen ferstoarn wiene, die bliken dat se in legaat neilitten hiene oan it doarp. De rinte fan dat bedrach wie elts jier frij opnimber sûnder betinksten.

Bij in gongbere rintestân soe dat elts jier sa'n € 600 rinte dwaan, in bedrach dat dan fuort wer yn in aardich projekt stutsen wurde mocht. Oan Doarpsbelang Reduzum de eare om dêrta jierliks in projekt te kiezen út de ferskate oanfragen.

Ik bin wol benijd wêr't ús Doarpsbelang dat jild op rinte setten hat. Fan myn bank krij ik neat, it mankearret der noch mar oan dat ik der jild op ta lizze moat. En om sa'n fûns yn stân te hâlden en elts jier in útkearing te dwaan, moat der jild generearre wurde....

Oan de oare kant, mei in ynflaasje fan goed alve en in heal persint yn ien jier tiid, kin' je de sinten better op meitsje. Mar yn de notariële akte is it grif oars fêst lein...

Henk.

Koffie drinken in het lokaal

Elke tweede dinsdag van de maand.



Lijkt het u ook gezellig om eens per maand met anderen te koffiedrinken?

Dit kan op dinsdag 14 februari om 10 uur in het lokaal achter de kerk.

Voor meer info telnr.: Jelly v.d. Zijl: 0566 602399

Wolwêzengroep

Agenda



26	jan	Vrouwen v Nu	Jaarvergadering
27	jan	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
28	jan	Toneel	Toneelvereniging "De Vriendenkring" Idaerd met "In frjemde fûgel"
29	jan	Kerk	Reduzum 9:30 Pastor C. Bos
31	jan	Toneel	Toneelvereniging "De Vriendenkring" Idaerd met "In frjemde fûgel"
4	feb	Café	Apres-ski Café bar de Welp
5	feb	Kerk	Idaerd 11:00 Ds. W. De Boer
6	feb	Vrouwen v Nu	Quilten Lokaal Ayttawei 15:00-17:00
7	feb	Biljarten	DWEI Pier Riemersma partij Café De Welp Opgave voor 24 jan.
10	feb	Vrouwen v Nu	Filmmiddag Lokaal Ayttawei 14:30
11	feb	Toneel	Toanielútfiering "Tusken Swin en Moezel" 20:00 It Lokaeltsje Friens
12	feb	Kerk	Reduzum 9:30 Pastor C. Bos
13	feb	Toneel	Toanielútfiering "Tusken Swin en Moezel" 20:00 It Lokaeltsje Friens
14	feb	Koffie drinken	Lokaal achter de Kerk 10:00
19	feb	Kerk	Friens 9:30 Ds. S. Grijpstra
20	feb	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
26	feb	Kerk	Reduzum 9:30 Ds. E. Groeneveld
4	mrt	Café	Muziekavond Vinyl is Back Entree € 5
5	mrt	Kerk	Idaerd 11:00 Ds. U. Tsjallingii
6	mrt	Vrouwen v Nu	Quilten Lokaal Ayttawei 15:00-17:00
8	mrt	Vrouwen v Nu	Lezing "Op de motor door Azië" Wiebe Biesma Lokaal Ayttawei 19:45
11	mrt	Biljarten	DWEI 2 ^e Maatpartij Café De Welp Opgave voor 21 feb.
13	mrt	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
14	mrt	Linepraat	Jaarvergadering Linepraat
15	mrt	Verkiezingen	Verkiezing Provinciale Staten 2023
17	mrt	Toneel	Toanielútfiering ROTO Café De Welp mei: "In streek troch de rekken"
18	mrt	Toneel	Toanielútfiering ROTO Café De Welp mei: "In streek troch de rekken"
19	mrt	Toneel	Toanielútfiering ROTO Café De Welp mei: "In streek troch de rekken"
20	mrt	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
22	mrt	Concert	Popzangkoor "De Boarnsjongers" Kerk Friens 15:00
2	apr	Concert	Adri de Boer try-out "deBoersjongtBos" Kerk Friens middag
5	apr	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Idaerd en Friens
12	apr	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Reduzum
13	apr	DB Reduzum	Algemene Ledenvergadering Doarpsbelang Café De Welp 20:00
15	apr	Biljarten	DWEI slotavond Café De Welp Opgave voor 3 apr.
24	jun	Rommelmerk	Rommelmarkt (TDS- KV Mid Fryslân)
1	jul	Festival	Muzuder Iepen Loft Festival op terrein Sjoerd de Boer 16:16
3	jul	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Reduzum
5	jul	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Idaerd en Friens

Kopij Linepraat

Linepraat

Uiterste inleverdatum kopij:

Verschijningsdatum:

23 februari	tot 12:00 uur	2 maart
22 maart	tot 12:00 uur	30 maart
19 april	tot 12:00 uur	27 april
24 mei	tot 12:00 uur	1 juni
21 juni	tot 12:00 uur	29 juni

Ald Papier

	Idaerd	Friens	Reduzum		
2023					Reserve
1 feb	Klaas H.	P. Galama	H. de Jager	J. van Dijk	B. van Dijk
1 mrt	Boele	E. Jonker	Joast Bergsma	D. van der Rol	E. Wieling
29 mrt	Yde	A. van Balen	R. Slager	J.P. Boomsma	R. van Dijk

Baukje Wytsma

"De dichter Swijt", de titel fan ien fan har bondels poëzij. Hoe tapaslik.....

De dagen sûnder striid binne de ljochte dagen

nei djippe tsjusternis skynt altyd wer it ljocht

al bliuw' wy ûnderweis mei tûzen fragen,

it is de leafde dy't ús bynt op dizze libbentocht.

Mear as tweintich berneboeken, in tsiental poëzij bondels, ferskate musicals, hûnderten liet teksten Reisbrieven út Reduzum, Beppe Boppe, frou Hilarides, Heechterp, omke Siger, in Frysktalige Libelle, fan Romke Timen Tomke oant Lytse Protter, it Boekewikegeskink, Dat wie doe sa, liet teksten as de Bonkefeart, Simmer 2000-liet, foar Roel Slofstra, Albert Bonnema, Reboelje, Douwe Heeringa Villa aria, Mingd koar, fado's, Myn Skip, keatsrevue Hee Daar! en noch folle, folle mear.....

De IBBY-honourslist, in Poëzijstien op 'e Nijstêd yn Ljouwert, Fryske Anjer fan it Prins Bernhard Kultuerfûns, lid fan de Fryske Akademy, in keninklike ûnderskieding troch de kommissaris fan de kening.

Baukje sil net wer skriuwe. In pear moanne ferlyn hie Baukje betocht wer wat teksten foar ús doarpskrante oan te leverjen. Dêrom ek dizze side omdat se yn it fiere ferline redaktrise wie fan it Stânfries-kuorbal blêd dat tegearre mei de skoalkrante útgroeide ta de Linepraat fan hjoed-de-dei. It sirkeltsje wie rûn. We sille har entûsjasme misse, mar har prachtige teksten bliuwe bewarre!



Ut in grut tal fraachpetearen út krante en tiid skriften haw ik in samling makke fan har ideeën, tinken, dwaan en litten, leafde foar it doarp, leafde foar de Fryske taal.

Reduzum, dêr bin ik berne, is fanâlds in Frysksinlich doarp. Dat wurke santich jier lyn al troch op de legere skoalle. Yn de hegere klassen hiene we Frysk en Frâns. Dat fûnen we prachtich. Koest moaie hege sifers mei helje. De masters en juffers gongen doe hiel kreatyf mei taal om. Skoal revu's en toanielstikjes wiene allegear yn it Frysk. Soks ferjitst noait wer.

As puber bin ik mei dichtsjen begûn. Krekt as in hiel soad oare dichters. Dichtsjen is krekt itselde as wat in skilder docht: it is it uterjen fan gefoelens, fan emoasjes, allinne yn in oarsoartige taal. Dat wol neffens my ek it bêste yn in perioade ast it ferheftichst libbest. Sjochst faak dat, wannear't minsken âlder wurde it dichtsjen minder wurdt of gewoan ophâldt. De boarne droeget op.

Der moat romte yn de holle wêze. As ik fyts, kin my soms samar in moai rigel yn 'e holle driuwe. Neist myn bêd haw ik in opskriuwboekje lizzen. Ik ha faak genôch it smoar yn hân, dat ik jûns in moaie rigel betocht en dat ik him de oare moarns wer fergetten wie. Yn de auto haw ik ek sa'n boekje lizzen foar sokke ynfallen. Yn 'e hûs brûk ik lege enveloppen: der slingert altyd wol earne ien om....

Ik dichtsje yn 't foarste plak foar my sels, mar ik hâld net fan de lange winters. Alles is griis en keal. Bitebulten op 'e klaai, ik wurd der depressyf fan. Dan fiel ik my sa opsluten, dan benearet it my suver.

It leit net oan Reduzum. Reduzum is in pracht doarp, ik bin hjir berne, heit en mem, pake en beppe, se ha hjir allegear wenne. Ik ha tweintich jier fuort west en ik bin werom kaam.

It burgen wêzen yn in doarp, it respekt dat der ûnderling is, dat sprekt my oan. Ik bin taskôger en tagelyk bin ik in part fan it doarp. Ik ha hjir yn Reduzum in prachtige jeugd hân. In lokkige húshâlding en op skoalle masters as Piter Bergsma en Douwe Jans van der Meer, dat wiene hiel bepalende minsken, elk op syn gebiet.

Lûden kinne my ûntroere. As sneintemoarns de klokken fan de tsjerketoer liede, as der moarns betiid in hoanne kraait, as jûns de kikkerts kweakje dan tink ik: dat binne de lûden fan froeger en se binne der noch. De rook fan krekt meand gers, dy is fan alle tiden.....ik bin in romantika.

Dêrom docht it my ek sear as ik sjoch wat der allegear ferlern giet. We kinne bijgelyks hjir net mear boadskipje. En dochs hat boadskipje in funksje, jo bliuwe moai op 'e hichte fan alle skytwysjewasjes dy't op in doarp oan de oarder binne. Dy en dy binne mei fakânsje nei 't Amelân, in oarenien komt oaremoarn wer thús út it sikehûs en wer inoarenien is foar de fjirde kear sakke foar it rydbewiis. En wa't soks noch net wit om't er sels op fakânsje wie kin it letter allegear noch ris fine yn ús ferneamde doarpskrante, de Linepraat. Jo wurde hjir net wei, soe ús beppe wol sizze.

Ik skamje my der net foar dat ik in Fries bin, ik bin der ek net grutsk op. Dat 'doch mar gewoan', dat stiet my wolris tsjin. Wêrom moatte we allegear mar sa gewoan dwaan? It is al sa'n grize boel! Sjoch hjir, myn gedicht oer:

*De Haven
Berne út de skerte fan sterke
rûne arbeidersfroulju boarten
de bern by de peal oan de haven
acht-njoggen-tsien.....ik kom !
Manlju, altyd yn blau of griis
bûgden de rêch yn waar en wyn
de fyts, in slachskip ûnderweis
nei hûs. Tusken de hûzen, sa om
iterstiid, de rook fan koal :
suerkoal, jim ek ?
en altyd ien in bytsje gek om't
er net krektlyk wie en die as
alle oaren.
Mar Albertsje sprong yn 'e haven
nei de stuolledûns, de rokken
bollen heech op en yn har hier seach
ik it einekroas. Se fage oer har
noas, mar bleau oerein.
Doe ha'k it sein :
Mem, letter wol ik lykas Albertsje.....*

Elk minske hat syn kapasiteiten en bysûnderheden, we binne ommers allegear unyk.

De iene kin gûchelje mei sifers, in oar makket fan in pear wurden in prachtige sin.

Yn Reduzum wie Baukje gewoan ien as alle oaren, sa woe se it ek graach mar yn ús provinsje wurdt har namme mei grut respekt en bewûndering útsprutsen.

"Fryslân, do libbest yn myn hert", skreau Baukje yn it jier 2000.

Mar it is ek oarsom: har lieten en teksten libje yn Fryslân en dy binne net oan in jiertal bûn.

Henk.



Wisten jo dat

- Ale de Fisker net allinne amers fol rivierkreeften fangt, mar der ek sop fan siert?
- om't dy bisten net yn ús wetters thús hearre, se sa gau mooglik fongen wurde moatte?
- telefyzje kok Reitze gelokkich in hiele protte nedich hie om de studio gasten sêd te krijen?
- Emiel fan de Hûnekop der wol hiel lekker fan iten hat?
- Baukje Boersma oan it opromjen west hat en dêr hiele âlde papieren boppe tafel kamen?
- bygelyks in ôfskrift fan it stiftings beslút fan de Rie foar in nije skoalle te Friens yn 1886?
- yn it argyf no ek twa oantinken boekjes fan fjouwer brulloften en houliksfeesten lizze, beide út begjin maaie 1917?
- yn Friens fuort nei 1945 in sjongferiening, it Gealtsje, oprjochte is en it notuleboek ek mei kaam?
- der twa laad peallen foar 'elektrische voertuigen' komme op' e hichte fan Bangmastrjitte 70?
- dy peallen grif op it parkearterrein pleatst by nûmer 72, om't it by 70 wol hiel ûnhandich is?
- it bestjoer fan de mûne groep in pear wike ferlyn hege besite krige?
- minister Jetten mei syn gefolch tige optein wie oer dit 'burgerinitiatief'?
- de earste radiatorfoly te plak sit, tocht strips pleatst en cv-radiators ûntluchte binne?
- Redúster appel- en ananas flappen alhiel yn Drinte en Enschede iten wurde?
- it parkearterrein oan de Stânfriesstrjitte in dei ôfsletten wie?
- de firma Delta dêr in glêsfazel-ferdielstasjon pleatst hat en ynkoarten it grutte graven begjint?
- ek de KPN ynkoarten komt mei glêsfazel en dan ek syn eigen kablesleufke grave moat?
- it by it krúspunt Snitser hoeke moarns en jûns wol hiel drok wurdt en it tige oppassen is?
- soks fansels komt troch de omliedings en alternative paden fanwege dy stikkene tunnel?
- de earste oanriding mei trije auto's tagelyk en in ferwûne persoan al plak fûn hat?
- Jan Elektra dêr net mear lâns giet en syn paad siket oer Wytgaard?
- it ferhaal giet dat de brân yn de garaazje Ds. Boerstrjitte nei alle gedachten troch in ûntplofte akku fan in elektryske fyts ûntstien is?
- Idaerd de toanielfoarstelling op sneon beslút mei live-muzyk fan FreeWay, de band fan Bert Noordenbos?
- tusken Eagum en Grou in auto yn de sleat rekke en der grute wurdt dat it Jelly fan Tsjits wie?
- dat fan dat hiele ferhaal lang net alles wier is en dat it yn elts gefal ús Jelly net west hat?
- in foarstel is op de JAV fan de Linepraat (14 maart) om ienfâldige meidielings fergees te pleatsen?
- ek yn Friens de enerzjy-besunigings aksje fan start giet?
- yn Reduzum de wennings fan Elkien earst dien binne en no de eigen hûzen oan bar binne?
- Qlubb Red ynkoarten mei wol 30 bern in wykein nei it Amelân sil?
- de Grien-advys-groep in plan betinkt foar mear grien en skaad by it swem plak?
- it strân fan Reduzum dêrmei unyk wurdt, want wêr fine jo no in strân mei bankjes en beammen?

Oproep

De Linepraat zoekt nog een paar vrijwilligers die op regelmatige basis iets willen schrijven in de Linepraat. Je hoeft niet supergoed en foutloos te kunnen schrijven.

Liefst uit alle leeftijdsgroepen (Jong/Middelbaar/Ouder).

Lijkt het je leuk mail naar: Linepraat@gmail.com



K. HIJKEMA
TIMMER- EN ONDERHOUDSBEDRIJF

Klaas Hijkema
T 06 484 804 49

Ayttawei 24
9008 SL Reduzum
k.hijkema@outlook.com



LANGEBERG
SCHOONMAAKORGANISATIE
www.langeberg.nl



Van der Meulen
Installatietechniek
Reduzum

Martijn van der Meulen

+31 6 131 658 68
www.vandermeuleninstallatie.nl
info@vandermeuleninstallatie.nl



Kort Nieuws 1

Reflecterende huisnummers

Als iedere seconde telt en hulpdiensten zeer snel bij het correcte adres moeten zijn, komt het nog te vaak voor dat ze door geen of slecht leesbare huisnummers bij het verkeerde huis staan. Oorzaken zijn dan vaak dat huisnummer te ver van de weg, achter een struik of boom, aan de zijkant van de brievenbus of aan zijkant woning zit. Hierdoor wordt veel tijd verloren. In navolging van Friens gaat ook Doarpsbelang Reduzum inventarisieren waar reflecterende huisnummerbordjes nodig zijn. Komende weken gaat een lid van de werkgroep Romtlike Saken in de avonduren met zaklamp op pad in en om het dorp.

De Fryske top 100!

Ek dit jier hawwe wer tûzenen minsken in persoanlike top 5 ynstjoerd. Op basis fan al dy stimmen is de Fryske Top 100 gearstald. Aldjiersdei waard de list útstjoerd op radio en telefyzje.



Ek dit jier wie Reduzum wer fertsjintwurdige yn de list. Sa stie Sytse Broersma, mei De Kast, trije kear yn de list, mei op nûmer twa "In Nije Dei". Lotte Broersma, mei Berend Riemersma, stiene op it fyftichste plak mei de song "Underweis".

Deel van grof afval Grou hergebruiken

Meer dan de helft van grof afval bij de afvalstort in Grou is geschikt voor hergebruik. Een ruimte naast de milieustraat zal worden omgebouwd tot een demontagehal voor een zogeheten circulair ambachtscentrum. Grof huishoudelijk afval, bouw- en sloopafval wordt hier geschikt gemaakt voor een tweede leven. De overheid verstrekt hiervoor 50.000 euro subsidie. De werkzaamheden worden verricht door mensen "met een afstand tot de arbeidsmarkt".

Door hun werk kan de hoeveelheid afval met 60% dalen, zo wordt verwacht. Een deel van het ingeleverde afval gaat naar de lokale kringloopwinkel, waar het soms nog wordt opgeknapt of gerepareerd.

Helmplicht Snorfiets

Vanaf 1 januari moeten Nederlanders met een snorfiets verplicht een helm dragen. De vraag naar goedgekeurde helmen is daardoor toegenomen, met soms tekorten tot gevolg. Tegelijkertijd worden alternatieven voor de snorfiets, zoals brommers, fat bikes en e-bikes, steeds populairder.

"Klanten denken: als ik toch een helm op moet, dan ga ik liever 45 dan 25", zegt BOVAG-woordvoerder Paul de Waal. Een snorfiets mag maximaal 25 kilometer per uur rijden en is te herkennen aan een blauwe kentekenplaat. Brommers mogen dus harder, waardoor een helm al verplicht was.

De regels voor snorfietsen, brommers en e-bikes vanaf 1 januari:

- Snorfiets: Helmplicht, rijden op fietspad, max. 25 km/u.
- Bromfiets/Speedpedalacs: Helmplicht, rijden op de rijbaan, behalve als er een verplicht bromfietspad is, max. 45 km/u op de rijbaan, max. 40 km/u op bromfietspad buiten bebouwde kom, 30 km/u binnen bebouwde kom.
- e-bike/e-fatbike: Geen helmplicht, rijden op fietspad, max 25 km/u.

Klein Chemisch Afval Milieustraat Grou.

Vanaf 2 januari 2023 wijzigt de inzamel-middag voor klein chemisch afval (KCA) naar de donderdagmiddag. Op de andere dagen kunt u als inwoner van de gemeente Leeuwarden terecht bij de milieustraat in Leeuwarden.

Oprop: nije bestjoersleden socht!

It suksesfolle iepenloftspul fan ôfrûne simmer is ûnderwilens wer in oantinken. Hoe giet it no fierder mei FIER? It deistich bestjoer fan Theatergroep FIER hat hjirroer koartlyn praat mei de bestjoeren fan de toanielferienings fan Friens, Idaerd en Reduzum, dy't FIER yn 2017 oprjochte hawwe. De hjoeddeistige DB-leden hawwe oanjûn harren funksje dellizze te wollen. Fine jo ek dat FIER trochgean moat om ien kear yn de trije jier in teäterstik op in bysûndere lokaasje te organisearjen? En wolle jo jo ynsette om dizze tradysje yn ús doarpen heech te hâlden?

Jou dy op: info@theatergroepfier.nl

IJs op autoramen

IJs op de autoramen is een forse belemmering van het zicht en kan je een flinke boete kosten. Afhankelijk van hoe slecht het zicht is (via voor-, achter- en zijramen) kan de boete oplopen tot 250 euro. Maak ze daarom voor het rijden gaan goed schoon en vergeet ook de spiegels niet, anders komt er mogelijk nog 150 euro bij. Zonde van het geld.



Overijsselsestraatweg 6a
9008 TS Reduzum

T 0566-601165 F 0566-601747
info@transportbedrijfbakker.nl

Levering van:

- **Straatzand • Speelzand • Manegezand • Split**
- **Drainagezand • Tuingrond • Compost • Grind**

In elke gewenste hoeveelheid, los gestort of in big-bags

Verhuur van:

- **Achterover kippers • Auto met dieplader**
- **Kippers met laadkraan • Shovel**

www.transportbedrijfbakker.nl

WWW.GINBIJK.NL
Fricoweg 37
9005 PC Wergea
058 255 30 36
wergea@ginbijk.nl

compjoeterservice
GINBIJK.NET

- Systeembeheer
- Netwerkbeheer
- Hardware - Software
- Advies - Verkoop
- Service
- Webdesign

Kort Nieuws 2

Wijzigingen GFT afvalbak

Recent zijn er wijzigingen doorgevoerd in het beleid wat nu in de grijze container mag en wat in de GFT (Groene) bak mag.

Dit mag in de gft-bak:

- Groente- en fruitresten en schillen.
- Etensresten (ook botjes en graten).
- Brood, deeg, rijst, pasta.
- Strooisel (hooi, stro, zaagsel) van kleine knaagdieren.
- Bloemen en planten.
- Fijn tuinafval.
- Losse thee, theezakjes, koffiefilters en koffiepads.

Dit mag **niet** in de gft-bak:

- Verpakkingen en wegwerpproducten.
- Kauwgom
- Luiers, incontinentiemateriaal.
- Kofficups, ook composteerbare.
- Kattenbakvulling, vogelkooizand.
- Hondenpoep.
- Peuken, tabak, as.
- Potten, stenen, balken, timmerhout, metaal.

Klussendienst

Contactpersoon voor de maanden Februari en Maart is Anneke Mous.
Tel.nr.: 06-38922300

Inzamelacties bij Café bar de Welp

In Café bar de Welp hebben, in de maand december, een tweetal inzamelacties plaatsgevonden.

De eerste actie was ter ondersteuning van de Kika actie van de Trije Doarpen Skoalle. Voor iedere gast die in de bar kwam werd 1 euro gedoneerd en alle fooien gedurende de actie week werden ook gedoneerd. Dit leverde een bedrag op van €307,85!

De tweede actie was voor de ondersteuning van Heleen Kappers en de bij haar inwonende Oekraïense vluchtelingen. Daar heeft De Welp het inleggeld van de schutjaspertij en alle fooien gedurende de laatste week van het jaar. De opbrengst van deze actie was €138,30. Een mooie actie van Café bar de Welp en haar bezoekers.

Luierinzamelpunten

De gemeente Leeuwarden krijgt er vijf luierinzamelpunten bij in de dorpen. Of er ook één in Reduzum komt is nog niet duidelijk. De inzamelpunten zou voor de jonge ouders een behoorlijke besparing zijn op de kosten van afval in de grijze container.

Maatschutjassen

Vrijdag 30 december jl. vond de oudjaar maatschutjaspertij weer plaats op de bovenzaal van Café bar de Welp.

Er deden 14 koppels aan mee.

Er werd om 20 uur begonnen en om 01.30 was de prijsuitreiking. De rollades van groot naar klein gingen naar de volgende personen.

• Hoofdprijs

1 Lieuwe en Jeroen

2 Age en Taco

3 Johan en Ronald

• Troostprijs

1 Rein en Anne

2 Anno en Jeen

• Poedel

1 Lolke en Sietse

Iedereen bedankt en tot een volgende keer.

Lutske en Jeroen

Meerdere weken vliegen F35-straaljagers boven Friesland

Vanaf maandag 23 januari wordt er weer bij avond gevlogen boven Friesland en de Noordzee, maar niet vanaf basis Leeuwarden. De nachtvluchten zijn in twee weken: vanaf 3 februari en nog een week vanaf 24 februari.

Er wordt dan op maandag tot en met donderdag 's avonds gevlogen (vrijdag alleen overdag). De F-35-straaljagers komen dan vanaf de basis in Volkel, want in Leeuwarden wordt vanaf 1 februari de startbaan aangepakt. Dat duurt tot 25 augustus.

Puzzel

5				4			7
6						1	
		3					4
	8	7					3
4				5	9		
			8				9
		4				7	5
	5				2	8	1
			3	8			

De uitkomst van de Kerstpuzzel was:

VROLIJK KERSTFEEST

Uit de goede inzendingen is Anneke Mous als winnaar uit de bus gekomen en heeft de fles wijn in ontvangst genomen.



Massagepraktijk Shanika

-  Meerkoetweg 50 8446 JZ Heerenveen
-  06-53194824
-  info@massagepraktijkshanika.nl
-  www.massagepraktijkshanika.nl

[Facebook.com/Massagepraktijk.Shanika](https://www.facebook.com/Massagepraktijk.Shanika)

Voetreflex: drukpuntmassage om orgaanklachten te behandelen.

Vriendinnen uitje: massagebehandeling met high tea, high wine of diner bij 't Gerecht.

Tapparfum: parfum tegen een eerlijke prijs.

Pinnen is mogelijk



Wij lossen elke verstopping op en meer :

- * Cameraonderzoek
- * Stankonderzoek
- * Herstelwerkzaamheden
- * Alle bijkomende werkzaamheden

*Afvoer problemen ?
Bel Boonstra !!*

06 22 49 88 24

www.Boonstra-RioolService.nl

Douwemastrjitte 7 9011VN Jirnsum / Haedstrjitte 12 9008SP Reduzum

Uw woning laten schilderen ?



VAN DER HEIDE
Schilders Wirdum

Schilderwerk - Beglazingen en Wandafwerking

Winterschilderkorting op binnenschilderwerk !

Permanent laag btw tarief op arbeid en verf

Johannes van der Heide 06 - 21 89 54 88



Utfieringen:

Sneon 11 febrewaris 20.00 (mei nei ôfrin muzyk fan Frerik de Swetser)

&

Moandei 13 febrewaris 20.00

(Entree: € 5 foar leden/donateurs. € 7.50 foar alle e belangstellenden)

Spilers:

Johan Bergsma
Wimmy van der Meer
Marrit Tjalma
Maurits Zeinstra
Anke van der Meulen
Hilly Tjalma
Sietie Boersma
Hylke Riemersma
Sietje Tjalma
Abe Tjalma

Francois Nicolaes
Geraldine
Claudia
Tom
Katryn
Mem (Albertine Struyf)
Helge Poot
Carlo Mozarella
Carla
Filip

Regie:

Gerben Postema

Ynstekker:

Abe Tjalma

Lûd en ljocht:

Sybren Bergsma

Dit spektakelstik meist net misse! wês wolkom yn 't Lokaeltsje fan **Friens** !

It stikje fan Koos

Winter en de Alvestêdetocht fan 1997

Ik begjin op it keunstiis fan De Vechtsebanen yn Utrecht. Dêr wiene op sneon 28 desimber 1996 de nasjonale kampioenskippen maraton. Klasina Seinstra en Peter Baars pakten de Nederlânske titel. In dei letter seach ik yn Giethoorn nei de Hollands Venetiëtocht. Opnij wie der winst foar Klasina en ek Erik Hulzebosch pakte de earste priis. Wer in dei letter gong de reis nei Ankeveen. Dêr wiene de Nederlânske kampioenskippen maratonreedriden op natueriis op de Ankeveense Plassen. Bert Verduin wûn by de manlju, Jenita Hulzebosch-Smit by de froulju. Ruud Borst en Klasina Seinstra wiene de nûmers twa. Der waard yn Ankeveen drok spekularre oer in mooglike Alvestêdetocht. Mar earst âld en nij. Doe skeat Nederlân foar 70 miljoen gûne de loft yn.

It waard tongersdei 2 jannewaris 1997. Ik wie al moai betiid mei it Omropbuske mei stjoerder nei Surhústerfean riden. Dêr soe it hjoed wêze, de tredde edysje fan de 'Centrumcross', in ynternasjonale fjildrit. It wie ek in soarte fan nijjiersresepsje, mei om fiif oere in lekker stampotbuffet yn brasserie Kolkzicht. Mar der wie mear. Der broeide wat. Wat soe der dy moarns troch Henk Kroes en syn bestjoer fan de Koninklijke Vereniging De Friesche Elf Steden sein wurde? Om likernôch 11 oere wie der in parsekonferinsje yn it gebou fan de wetterlieding yn Ljouwert. Yn Surhústerfean siet Andries Nieuwenhuis by it fjildriden yn de organisaasje, mar hy wie ek de mikrofoanist. Hy fertelde de minsken oan 'e kant en de fjildriders yn de wedstriid oer de stân fan saken. Mar Andries soe ek de 'speaker' op de Bonkefeart wêze as de 15e Tocht der Tochten ynkoarten riden wurde soe. Hy siet fansels yn spanning. Omdat ik op de koptelefoan alles hearre koe wat der yn Ljouwert troch Henk Kroes sein waard, soe ik Andries alles daliks witte litte. En sa gong it. It wie kertier oer alven en doe foel de keatsterm 'It giet oan', mei de datum fan sneon 4 jannewaris. In jier earder (wynwekken yn febrewaris '96) koe it krekt net, no koe de moaie gekkeboel begjinne. Doe't Andries dit heuchlike nijs troch It Fean daverje liet, feroare ynienen alles. Fansels net allinne yn it hurdfytsdoarp fan Fryslân, mar yn de hiele provinsje en fier dêrbûten.

Sa as yn Maasland yn Súd-Hollân. Dêr waard op dat stuit de Westland maraton ferriden. Doe't dêr it nijs út Ljouwert bekend waard stapten daliks in pear toppers fan it iis. De measten rieden troch, in protte mei de hânrem derop. De nûmers twa fan it NK, in pear dagen earder yn Ankeveen, Ruud Borst en Klasina Seinstra wûnen de wedstriid.

Yn Surhústerfean fytsten op dat stuit de feteranen harren rûntsjes oer it bonkehurde parkoers en sadwaande gong it hurd. It wie ek noch in Nederlânsk kampioenskip en Jan Steensma woe yn syn eigen doarp foar de tredde kear nasjonaal kampioen wurde. Dat slagge (in jier letter waard er wer kampioen), mar fuort nei ôfrin gong it mear oer de tocht fan sneon 4 jannewaris as oer de winst op 'e fyts. "Doe't ik yn de wedstriid it nijs hearde tocht ik al, no hie ik op redens stean moatten, want ik ha de measte kilometers noch net yn 'e skonken. Dat fan 'e middei bin ik hjir net, mar op it iis. Want ik sil fansels de toertocht útride," sei de winner. By de beropsfjildriders gong de winst nei de Belch Paul Herygers. De wrâldkampioen fan 1994 hie it nei ôfrin ek mar oer ien ding: de tocht. Dyselde Herygers is tsjintwurdich ko-kommentator by fjildritten op sportstjoerder Sporza.

Op freed wie earst it FEC (Frieslandhal, no WTC Expo) yn Ljouwert myn domein. Mei kollega Eelke Lok seagen we by de ynskriuwing mei safolle mooglik wedstriidriders (m./f.) koart foarút op de spannende dei dy't komme soe. Op ús grutte radiowein waarden alle petearkes (maksimaal oardel minút) opnommen, dy't we dan al den dei yn de programma's útstjoerden. Middeis sette ik ôf nei Bartlehiem, nei rayonhaad Sjirk Velstra. Hy wie de baas oer it magyske krúspunt Bartlehiem en dêr soe ik de sneons yn 'e rin fan de dei ek wer stean. Sjirk wie besiele fan iis, mar hy siet wol yn noed oer it ferwachte folk dat nei it heechhout yn 'syn tolfde stêd' komme soe. Hy tocht dan oan 1985 en 1986. We hawwe in moaie slach oer it iis makke en ik hie in moai ferhaal op de radio. Op 15 juny 2004 ferstoar Sjirk Velstra (79 jier). Yn in roudadvertinsje stie doe 'Hy koe oer tin iis'.

Fan freed op sneon krige ik trije sliepers, trije minsken fan RTV Drenthe. Omdat de Omrop net genôch middels hie om yn alle alve stêden en noch in pear plakken ferslach te dwaan, en dat moast al, waard der technyk en minskkrêft ynhierd. Twa leine by ús op it útfanhûzersbêd, ien op de bank yn de keamer. Twa fan dy technuten seach ik letter werom yn Bartlehiem. Myn wekker gong om healwei fjouweren. De jûns derfoar hie ik al dûst, dat gau alle laachjes klean oanstrûpe, in bakje kofje, wat iten en drinken mei en yn de auto nei Ljouwert. Myn sliepers koene harren moarns wol rêde, der wie fan alles genôch. Lökkich hie ik in parkearûntheffing, dat ik wie samar by it FEC.

Ik stapte út en doe kamen der noch twa auto's oan. Yn de iene myn kollega Eelke Lok, yn de oare foarsitter Henk Kroes en NOS-ferslachjouwer Rienk Kamer. Rienk soe Henk de hiele dei folgje. "Moai dat jim der binne, meitsje der in moaie dei fan", wiene Henk syn wurden. Doe rûnen we nei it FEC. Ik krige myn stjoerder en seach by de koai. De earste wedstriidriders sochten in plak tusken de stekken. Nei hjir en dêr in praatsje wie dúdlik dat elkenien fol spanning siet. Om fiif oere wer yn de auto nei de Swettehaven. Eelke die it ferslach by de koai, ik koe los as de riders nei 1900 meter

draven ûnderbine koene op de Swettehaven. Wat wie it dêr drok. In protte wiene sa út de Ljouwerter feesten weirûn nei it iis. De sfear wie geweldig. Op in grut telefyzjeskerm koene wy om healwei seizen de start folgje. Sa'n ein drave is foar guon in poepetoer, mar it duorre net lang doe kamen de earsten yn it sicht. De bêste hurdrinners daveren ynienen it iis op, mar dan moatte yn de kjeld de redens noch ûnder. Der wiene in protte mei spierpine: lang wachtsje yn de koai en dan in ein drave. Haico Bouma wie ien fan de slachtoffers, as twadde op it iis, mar it ûnderbinen slagge net. Haico stapte fuort nei Frjentsjer ôf. De earste groepen toerriders ha ik noch ôfsetten sjoen, doe gong myn reedrydreiske fierder.

It iis op sneon wie op fierwei de measte plakken sterk genôch. Yn in pear dagen wie alles regele! Under guon brêgen wie iistransplantaasje dien, de klúnkleden wiene oansleept, barten en opstapkes delset, de stimpelhokjes pleatst en noch tûzen oare saken. Sels by Snits wiene de grutste swierrichheden oplost, de bussen hoegden net yn aksje te kommen. It waard wol in swiere tocht. De wyn hie in krêft fan 5 oant 6 Beaufort út it eastnoardeasten en dit yn kombinaasje mei de froast fan -6 graden moarns oant maksimaal -3 yn de middei soarge derfoar dat it dreech wie. De gefoelstemperatuer lei om de -10 oant -15 graden, yn wynfleagen sels -18 graden. Boppedat wie it lang tsjuster en waard it letter ek wer gau 'nacht' foar de tûzenen toerriders. It wie ommers begjin jannewaris. It earste lange ein nei Starum gong dat it slydjage, dêrnei waard it folle dreger. By Warkum waard it stadichoan ljocht, dêrnei koe de NOS mei de motor op it iis.

Ik gong fan de Swettehaven lâns de studio (doe noch oan de Grienewei yn it sintrum by de Aldehou) en dêrnei nei Bartlehiem. De radiowein fan myn Drintske technisy wie al yn bedriuw, de manlju hiene it lekker waarm yn harren grutte bus. Ik rûn nei it bekendste brechje fan dy dei. Wat in sfear, hieltyd mear minsken en dat alles sûnder wanklank. De blide, fleurige, moaie klanken kamen fan dweilorkest Kleintje Pils út Sassenheim. It waard ien grut feest, ek de oanwêzige plysjes en de minsken fan de ME diene mei. Tsjin alven kaam it lûd fan helikopters en dêrnei al gau de kopgroep fan seis man op de Feinsumer Feart: Henk Angenent, Erik Hulzebosch, Bert Verduin, Henk van Benthem, Arnold Stam en Piet Kleine. Dêrnei soe de stream net mear ophâlde. Sa seach ik Ruud Borst, Yep Kramer, Willem Poelstra, Dicky Zuidema, Jan Eise Kromkamp, Jan Bakker, Bram Sikma, Rein Jonker en letter ek Klasina Seinstra en Gretha Smit foarbykommen. En nei Dokkum kamen se noch in kear oer de Ie werom. Hoe't it ôfrûn op de Bonkefeart wit hast elkenien noch. Henk Angenent wûn de einsprint foar Erik Hulzebosch en Bert Verduin, Klasina Seinstra fersloech Gretha Smit en Baukje Bron waard tredde.

It ferhaal fan de toerriders gong noch de hiele dei en jûn troch. Bêste riders mei in lette starttiid hiene mear kâns as 'minne' riders dy't betiid start wiene. Wat ha ik in ellinde sjoen. Manlju en froulju dy't skjin oan ein wiene, dy't gûlden, mar dochs it krúske helje woene en soene. De helptsjinsten hiene it mar drok. Guon mochten yn it earst noch fierder, mar der waarden ek in protte yn beskerming naam. Dêr waard op ynpraat. "Jo kinne wier net fierder, it no al sa let. As jo yn Dokkum binne is de stimpelpost dêr al ticht. We helje jo no fan it iis en sykje de waarmte op." Grif dat de measten letter bliid wiene dat se fan it sportive lijen ôf wiene.

Om ôf te kicken fan alles ried ik de sneins nei Akkrum. Dêr wie de twadde edysje fan Dwers troch Akkrum, de brêgen yn it doarp omheech, rûntsjes ride en achter hotel restaurant Goerres op De Boarn oer de einstreek. Haico Bouma, sa ûngelokkich in dei earder, wûn. Mar it moaie fan de Akkrumer organisaasje wie fansels de huldiging fan Klasina Seinstra, dy't op in slide it iis opkaam. Se hie ommers har ankel ferknoffe by de einstreek op De Bonke. Boargemaster Ype Dijkstra hing har in krâns om 'e nekke. Prachtich foar Klasina dy't yn Ljouwert gjin krâns krigen hie en dêrom mar by Henk Angenent yn de krâns krûpte.

Dy Klasina hie in topseizoen. Letter wûn se op de Weissensee op 1 febrewaris noch de Alternative Alvestêdetocht en in wike dêrnei ek yn Eastenryk op de Plansee it iepen NK oer 100 km. Der kamen nei de Alvestêdetocht noch mear klassikers op natueriis. Op 6 jannewaris De 100 fan Earnewâld (ynkoarte nei 85 km), op 7 jannewaris de 100 km fan de USA-maraton (Ursem-Schermerhorn-Avenhorn) en op 8 jannewaris de Noorder Rondritten (Baflo-160 km). Op 9 jannewaris folge de Veluwemartocht (100 km) en op 11 jannewaris de Rottemerentocht (Zevenhuizen-ynkoarte nei 123 km). It slotakkoard, it koe noch krekt, wie op 12 jannewaris foar de Amstermeer maraton (Westerland) oer 100 kilometer. Der moat sein wurde dat de dielname by guon fan dy wedstriden net oer hold, de 'natueriispommeranten' wiene nei al dy kilometers wurch.

De neisleep fan al dat reedriden wie der fansels ek. Mear as tûzen dielnimmers waarden troch de helpferlieners op 4 jannewaris holpen, in protte yn de Fryske sikehuzen. Beferzen eagen en oare lichemsdielen, brutsen polzen, snijwûnen en skaafplakken, in harsenskodding, ferknoffe ankels, seare heupen en as lêste it krekt net heljen fan it Alvestêdekrúske. Ek dat die sear!

Doe't ik dit allegearre op 'e kompjûter tikke, wie it krekt as belibbe ik dizze moaie dagen wer. It wie in feest. Soene we it ea nochris belibje?

Koos Wieling

Tribulet
Goud & Hout Atelier

- Trouwringen
- Inkoop Goud & Zilver
- Verkoop sieraden
- Reparatie Goud & Zilver
- Goudsmederij

- Houtbewerking
- Maatwerk in hout
- Restauratie Meubelen
- Klokken

Bezoek op afspraak

Dirk van der Goot
Haedstrjitte 28
9008 SR Reduzum

atelier.tribulet@gmail.com
0566-602670 of 06-30121738



Multiservice
Roorda

Multiservice Roorda, Pieter Roorda, It Houtstek 1, 9008TW Reduzum. Tel: 06-81075917

- Houtwerk reinigen van uw woning
- Glasbewassing
- Onderhoud
- Bestrating
- Grondverzet

- Slopen van gebouwen
- Overige afwerkingen van gebouwen
- Transportdiensten



Schildersbedrijf

Ronald Talsma

Noorderdwarsstraat 5
9001 BB Grou

Mob.: 06-20554214
E-mail: r.talsma71@icloud.com

Bezoek Minister EZ & K

Minister Rob Jetten op bezoek bij onze Doarpsmûne.

Naar aanleiding van het meedoen van de coöperatie Doarpsmûne Reduzum aan de Energy Award 2022 van het ministerie van Economische Zaken en Klimaat (EZK) Award, waarbij de coöperatie een eervolle vermelding kreeg, heeft geleid tot een bezoek van minister Rob Jetten en burgemeester Sybrand Buma.

De heren werden ontvangen door een delegatie van het bestuur van de coöperatie.



Zij legden de minister uit dat ze ondertussen 12 jaar bezig zijn geweest om deze nieuwe molen te realiseren. Er was veel politieke tegenwind van de Provinsje Fryslân waardoor we vier jaar hebben verloren. Aan de gemeente Leeuwarden heeft het niet gelegen. In hun hadden we een goede bondgenoot die ons ontzettend veel hebben gesteund, zelfs tot aan de Raad van State toe.

In 2019 veranderde het beleid van de Provinsje en werd de mogelijkheid geboden om dorpsmolens te realiseren. Na drukke periode, waarin veel keuzes moesten worden gemaakt, is de nieuwe dorpsmolen van Reduzum gerealiseerd. Ondertussen werd ook de dorpscoöperatie opgezet en werden er in drie weken 540 leden (huishoudens) geworven. Hiervan komt het grootste gedeelte uit Reduzum/Idaerd/Friens en de overige vooral uit Wytgaard en Jirnsum. De molen heeft 1,3 miljoen euro gekost en hiervan is 750.00 euro uit de dorpen gekomen.

In het verleden zijn er van uit de oude molen veel dingen gerealiseerd, zoals: de eerste wijk van Nederland met Led verlichting; zonnepanelen: de schoolbus; Spaarlampen, energie besparende maatregelen in dorpshuis Idaard; etc. In de Blauwe Tent legde Jelger Zijlstra verder uit dat de leden van de dorpscoöperatie inspraak krijgen over de opbrengsten van de molen. Een deel gaat naar de verenigingen en er wordt gekeken naar diverse nieuwe zaken zoals: energieopslag; deelauto's en slimme laadinfrastructuur.

Buma vraagt nog naar de relatie met Liander. "De relatie met Liander was niet altijd even gemakkelijk, daar heeft de gemeente ons ook goed mee geholpen", antwoorden Jelger. "De aansluiting van de molen aan het stroomnet leek een probleem te worden, want Liander schoof de problemen door naar Tennet. Toen hebben we een voorbeeldbrief en die konden de leden naar Liander sturen. Daarna is het



probleem opgepikt door de Leeuwarder Courant. De dag na de plaatsing in de krant werden we door Liander opgebeld dat een fout hadden gemaakt in de aanmeldprocedure en toen kon de aansluiting ineens wel".

Minister Jetten vroeg aan het coöperatiebestuur wat nu de motivatie was om elke keer maar weer door te gaan. Jarig Jan Boersma antwoorde: "Door elkaar scherp te houden en de energie van de leden van de commissie(vooral ook die van de oud leden) hebben we het voor elkaar gekregen. Dit is uiteindelijk het resultaat voor het dorp. Het geeft veel voldoening, maar het kostte wel heel veel tijd. We zien al uit naar februari dan krijgen de participanten hun eerste rente en die is vele malen hoger dan de rente die ze bij de bank kunnen krijgen. We hebben een veelzijdig bestuur en dat is erg fijn. De bestuursleden brengen allen hun expertise mee en we zijn een compleet clubje. Met de nieuwe molen kunnen we weer verder in de toekomst. Dit geeft een goed gevoel ook naar de toekomst en ook het gevoel dat we goed bezig zijn met de duurzaamheid ook richting de jeugd. We willen dit gevoel ook doorgeven aan de schooljeugd en hun erbij betrekken. Dit was vroeger ook al zo: De eerste zonnepanelen hebben we op de school neergelegd en als je nu kijkt hoeveel panelen er op de daken in het dorp liggen dat is best wel veel. Die flow uit het dorp stimuleert ons ook!"

Burgemeester Buma geeft nog even het woord aan de Michiel de Boer (ambtenaar met Energie in de portefeuille). Vanuit de gemeente is het idee gekomen voor de Fix-teams voor energie besparing te gaan werken. Reduzum heeft dit bijzonder snel en efficiënt aangepakt om het dorp te ondersteunen met gemakkelijk uit te voeren maatregelen voor duurzaamheid, met een financiering vanuit de kerk en de stichting Doarpsmûne.

Een ander project wat wordt opgestart ook via school is de junior energie coach. Het thema is energie besparen en met energie kun je lol hebben.

Jetten: "De grootste zoektocht is toch waar de mensen het meeste effect aan kunnen hebben. Hoe pakken jullie dit aan, met name naar de argwaan die men heeft naar de overheid toe?" Hier is het eigenlijk andersom gegaan er is geflyerd en mensen konden aan geven of ze mee wilden doen en groepjes uit het dorp hebben de initiatieven genomen d.m.v. het verstrekken ledlampen, isolatiemateriaal etc.

Dan krijgt Jaap Hoeksema de directeur van Energie VanOns het woord. Energie VanOns faciliteert energie coöperaties waaronder ook Coöperatie Doarpsmûne Reduzum. Hij geeft aan dat de grote energie leveranciers hun energie verkopen voor de marktprijs. "Dat willen wij niet! Wij willen het doorverkopen aan de leden van de coöperaties volgens het kostprijs plus model. Verkoop de energie iets goedkoper aan VanOns en dan verkopen wij het goedkoper door aan de coöperatie leden. Hoe kan nu groene stroom (lokaal opgewekt) nou net zo duur zijn marktprijs. Al onze energiebronnen zijn van de burgers. Het geld gaat dus niet naar grote commerciële partijen, maar naar eigen lokale energiecoöperaties. Bij ons zijn nu 150 coöperaties aangesloten en leveren aan 20.000 klanten. Wij nemen de stroom af die lokaal wordt opgewekt en verdelen de winst (500.000 euro) weer onder de coöperaties.

Buma: "Wij zijn met Friesland Campina aan het onderzoeken hoe we van groengas een verdienmodel kunnen maken voor de boeren. Door vergisting van mest kan dat voor een boer met 350 koeien of met een paar boeren gezamenlijk. Dit kan van grote betekenis zijn voor het platteland, want de aanschaf van een warmtepomp in combinatie met isolatie zijn behoorlijke investeringen. Als je groengas hebt hoeft je misschien je huis minder aan te passen in combinatie met een hybride warmtepomp. Hier kunnen de boeren een grote impact hebben".

Jetten: "Dit jaar komt de plicht om groengas bij te mengen bij gewoon gas. In het verleden zijn er in Brabant dingen misgegaan met mestvergisters die te dicht bij woonkernen waren geplaatst. De provincies krijgen nu handleidingen voor het toestaan

van lokale mestvergisters en waar je die kunt toepassen. Als je een hybride warmtepomp systeem met groengas kunt combineren dan is dit een essentiële verbetering voor het platteland."

Ondertussen waren er twee leerlingen (Jelle van Dijk en Menne Wieling) van de TDS skoalle binnen gekomen en voorgesteld aan het gezelschap.



De leerlingen hadden tekeningen gemaakt voor de minister over hoe zij denken dat de wereld er in 2050 eruit zal zien. Jelle had een tekening gemaakt met een gekleurde windmolen en met zonnepanelen en Minne een tekening van een drone. De minister vroeg aan Minne wat de drone allemaal kon. "De drone kan zelf energie opwekken als de propellers gaan draaien en ze kunnen passagiers wegbrengen en dan kan hij op de terugvlucht bij de molen opladen." Ook werd aan de minister verteld over de tekeningen die al eerder zijn gemaakt en nu in de molen verstopt liggen en als de molen in 2050 weer wordt afgebroken weer aan de kinderen worden teruggegeven.

Jetten: "Vonden jullie het leuk om met de klas bezig te zijn over energie." Waar de beiden leerlingen volop Ja riepen. Jeljer vulde verder nog aan; "We moeten ook nog een naam bedenken voor de molen en dat wordt heel leuk. We gaan met zijn allen in de bus naar Tresoar om in het archief te zoeken naar een mooie naam voor de molen. Ook worden de kinderen op school opgeleid als junior Energie coachen.

Jetten: "Zijn jullie thuis ook nog bezig met energie te besparen?" waarop Jelle antwoorde: "Ja de verwarming staat lager en kachel gaat zachter als we weggaan." Jeljer vertelde nog aan de jongens dat het op 20 mei groot feest is en dat de naam van de molen dan wordt onthult. Waarop Jelle antwoorde: "Dat kan helemaal niet want dan ben ik jarig." Dan hebben we dus dubbel feest, waarop Jetten voorstelde dat de molen dan maar naar Jelle moest worden vernoemd. Jelle wilde ook graag meer kleuren op de molen: "Dat is allemaal wat vrolijker."

Buma stipt nog even de te bouwen windmolenparken aan in de Noordzee. Jetten merkt op dat er nu 7 tracés in beeld zijn. Vooral leefde er op Schiermonnikoog het gevoel dat het halve eiland zou moeten worden afgegraven voor een kabel met de doorsnee van ongeveer 15 centimeter. Het beeld is ook dat de Waddenzee wordt opgeofferd voor stroom voor de Randstad. Echter is juist in Groningen voor het vloeibaar gas en voor de waterstofproductie veel stroom nodig. Het beeld wat geschetst wordt is veel meer dan de werkelijkheid. Buma geeft aan dat Fryslân ook zo'n aansluiting nodig heeft voor de industrie en voor het gebrek aan stroom. Dit geeft ook weer veel impulsen voor de werkgelegenheid. Daarvoor moet draagvlak en betrokkenheid worden gecreëerd net zoals in Reduzum.

Jarig Jan merkt nog op dat aan Reduzum ook wel eens geadviseerd is om de dorpsmolen in zo'n park te zetten, maar dan is het draagvlak ineens veel minder. Deze molen is de beleving van Reduzum. Toen de oude turbine er nog stond kregen regelmatig telefoontjes van dorpsbewoners als de molen niet draaide. Dat is beleving. Daarnaast heeft een windmolen ook veel meer beleving dan een zonnepark.

Jetten stelde nog even de vraag "Als de opbrengst van de molen nou had moeten komen uit een zonnepark hoeveel panelen had je dan moeten hebben?" "Ongeveer 3000 panelen en de investering zou 3 tot 4 keer zo hoog zijn."

Minister Jetten bedankte de leerlingen voor de tekeningen en het bestuur van de coöperatie voor hun gastvrijheid.

Dirk Vermeulen

Redúster kerstkoor zingt eindelijk weer

Aangestoken door het enthousiasme van het koor bij het iepenloftspul de Godlike Komeedzje 2.0, kreeg ik ook zin in zingen. Dus heb ik gehoor gegeven aan de oproep op de website om mee te doen aan het kerstkoor dat altijd repeteert in de weken voor kerst. Helaas konden de kerstnachtdiensten van 2020 en 2021 niet doorgaan, maar afgelopen kerstavond was het dan eindelijk weer zover: een koor met Redústers (en een paar gastzangers).



Wat hier aan vooraf gaat, is niet mis: vanaf eind oktober kwamen de koorleden wekelijks bijeen in het Lokaal. Vierstemmige kerstliederen, met als thema Maria, hebben we als sopranen, altten, tenoren en bassen ingestudeerd, onder leiding van Tseard Kramer uit Leeuwarden.

Het was wel even wennen voor mij. Als kind heb ik jarenlang bij een jeugdkoor gezongen, maar daarna niet meer. En vierstemmig zingen viel in het begin zeker niet mee. Gelukkig zat het repertoire er bij de geoefende zangers nog aardig in en kon ik al snel meezingen. Voor de altten heb ik onze partijen op de piano voorgespeeld en opgenomen. Met oortjes in of de telefoon aan het oor konden we zodoende onze partij ook tussen de repetities door goed oefenen. Ik denk dat ik namens alle koorleden kan spreken: we hebben heel veel plezier beleefd aan zingen van de prachtige kerstliederen. Het resultaat is nog te beluisteren via de Sound Cloud (via reduzum.com).

Janneke Broers

Mobiele airco service aan motor- voertuigen

STEK ✓ Gecertificeerd

Ook kunt u bij ons
terecht voor het
Inbouwen en leveren van:

- Standkachels
- Car kits
- Alarm systemen
- Audio apparatuur
- Navigatie

ATF
Airco Techniek Friesland
Tel. 06 22 97 86 95



Kinderopvang Bernefertier
*De kleinschalige kinderopvang voor
kinderen van 0 tot 13 jaar!*

- ~ Voorschoolse opvang
- ~ Buitenschoolse opvang
- ~ Dagopvang
- ~ Flexibele opvang

Contact:

Rianne Rodenburg
Haven 15, 9008 SX Reduzum
info@bernefertier.frl
0653319428

Meer aandacht voor het individuele kind

Administratie De Serre
Ayttawei 69
9008 SJ Reduzum
Tel nr. 06-23624082
E-mail: info@admin-deserre.nl
www.admin-deserre.nl



**Laag Tarief ! Inclusief advies en
ondersteuning.**

**Service: Het ophalen van uw
administratie !**

- ✓ Het inrichten en verwerking van uw administratie.
- ✓ De facturatie verzorgen.
- ✓ Het verzorgen van alle fiscale aangiften.
- ✓ Het verwerken van salarisadministratie.
- ✓ Het opstellen van de jaarrekening.
- ✓ U kunt mij ook detacheren



Eetcafé & Restaurant

à la carte

buffet

catering

Weerd 13
8911 HL LEEUWARDEN
Telefoon: (058) 213 65 88
www.eetcafegoede.nl
info@eetcafegoede.nl

Jieroersjoch

In jier is samar foarby....wat barde der yn 2022, yn Reduzum

Jannewaris.

It jier begûn sûnder foarsitter fan it Doarpsbelang, mar dat kaam letter yn it jier gelokkich goed. De Blauwe Tinte wurdt nei in stevige renovaasje súksesfol iepene. Der fynt in digitale ynformaasjegearkomste plak mei de gemeente en dan docht bliken dat der romte foar de ûntjouwing fan nije wenfoarmen is en dus nijbou plak fine mei. Doarpsbelang set fuortdaliks in nije wurkgroep op: Wenjen. Yntusken hat Slachterij Sixma de doarren foargoed sletten, mar gean oare doarren wer iepen: oan de corona-lockdown komt in ein, we meie wer bij inoar oer de flier.

Febrewaris.

It begjint der op te lykjen dat de dreechste tiid mei de Corona foarby is, Doarpsbelang koe wer in oerlisgearkomste yn de boppeseal by Jeroen hâlde. It parkearterrein by de Haven oan de iisbaan kant is folslein fernijd. De ferrotte peallen en de stegers moatte noch efkes wachtsje. De toer de l'Amour, de Valentijnskuier yn de folksmûle, wie in grut súkses. Ferskate foarmen fan muzyk, iterij, drinken en in besite oan de 'leafdes dokter', mar ek it stapke troch de doar bij in tal bedriuwen foel tige yn 'e smaak.

Maart.

Alle corona maatregels wurde ôfskafte en fuortdaliks organisearret Café bar De Welp twa jûnen in corona-herstelfeast: proud2bevout, hoe gekker hoe better en in jûn fol Golden Oldies in dei letter. Der wurdt yn it lokaal fan tsjerke in Gemeentejûn organisearre oer de takomst fan de tsjerke, leden en net-leden krije te hearren wat de mooglikheden binne en kinne dêr oer meiprate. Yntusken hawwe we yn de doarpen nije AED-apparatuer krigen en binne de werhellings kursussen west. Gelokkich wie der ek in hiele groep nije kursisten, in 40-tal kin no mei it apparaat omgean. Ek waard dizze maitiid de beplanting fan de Trije Romers oanpakt: de hiele simmer en hjerst kleur! It hiele jier troch organisearret de groep Wolwêzen kofjedrinken en mei inoar iten, no't it wer kin. It komt foar dat twa frijwilligers in hiele dei dwaande binne om foar sechtjin belangstellenden in trije-gongen -menu gear te stallen, mar der stiet in grutte wurdearring tsjinoer! Yn it Café wurdt in foarljochtings jûn holden oer de glêsefzelskabel. Der is in protte belangstelling.

April.

It is in moaie, drûge maitiid en de minsken wurdt frege om de oerhingjende struken sadanich yn te koartsjen dat de stoepe yn elts gefal fiif tegels breed is. En krekt omdat it sa'n moaie maitiid is, is it moai dat de útwreiding fan 'it strân' fan Reduzum útein set is. It wurdt de helte grutter en der komt in bankje by. Boppedat wurdt de boarterstún, dy't oan it begjin fan it skulpepaad stiet, dêr hinne ferpleatst. Op de jiergearkomste fan Doarpsbelang ûnder lieding fan tydlik foarsitter Ranil Korf binne it fral it behâld fan it doarpskafee en de foarûndersiken fan de wurkgroep Wenjen, dy't de boppetoan fiere. Kuierders en fytsers kinne straks op ferskate plakken troch de QR-koade te scannen in filmke sjen fan in stikje Redúster histoarje. Der wurdt hurd oan wurke om 10 nijsgjirrige objekten yn byld te bringen.

Maaie.

Nei tsien jier fan tarieding kin no dochts útein set wurde mei it demontearjen fan de âlde en de opbou fan de nije wynmûne. It sil noch oant begjin desimber duorje ear't de oerdracht plak fynt: it yn regeljen fan de nije mûne en de bestjoering op ôfstân freget noch in protte tiid (en geduld). De nije foarsitter fan Doarpsbelang stelt har efkes foar. Tidens har earste fergadering kin Djoke Reitsma de wurkgroep Romtlike Saken tank sizze foar harren wurk oan de nije Doarp fyzje en tegearre mei Haven bewenners in inisjatyf-wurkplan Drûge Haven. De houten damwand konstruksje is ferrotte en de rioelearring en natuerlike wetterôffier jouwe, ek yn de huzen, grutte problemen. Der lizze moaie plannen klear. De 'Versmarkt' hat ek oardel jier stil lein, mar de kreamkes wurde dizze moanne wer op set. De Linepraat komt mei in ynformaasje-bewar blêd, alle gegevens oer adressen fan bedriuwen, dokters, ynstânsjes, iepeningstiden yn ien omslach. Dit sil ek yn novimber wer los by de reguliere doarpskrante útbrocht wurde en tenei twa kear yn jier oanpast wurde.

Juny.

Romtlike Saken hat him ek drok dwaande holden mei de snelheidsremmers oan de Ayttawei. Der bliuwe twa plantebakken stean en it docht bliken dat dit foar gebrûker en omwennende akseptabel is. In sportive dei mei de gymferiening, opriisd út de dea: in entûsjast ynterim-bestjoer organisearret in hiele dei aktiviteiten mei bygelyks yoga, suppen op it Swin en ferskate gymn. sesjes yn de seal. QlubbRED hat foar de jeugd it hiele jier troch gesellige jûnen organisearre, mar de hichtepunten lizze wol yn de simmermoannen: mei syn allen nei de Blauwe Golf te swemmen en de skûm party op it terras fan it nije jeugdclub gebou, ek wol de sportbar neamd troch in oare kategory gebrûkers.

July.

Twa grutte kulturele spektakels yn in pear wike tiid, suver te folle fan it goeie, mar no't de corona belies jûn hat wol eltsenien him graach manifestearje. En beide sykje it moaie, fêste waar op en

beide kinne troch alle gastoptredens net samar efkes ferskove: De Godlike Komeedzje 2.0 fan teatergroep FIER spilet alle foarstellings yn Friens en it 1^e Muzuder Iepen Loft Festival (MILF), dêr't sa'n 500 minsken op ta komme, op in sneon dêr tuskenyn yn Reduzum. Yn in wat lytsere rûnte spilet him de fakânsje party ôf fan de aktiviteittekommisje, in útswaaifeestje foar fakânsjegongers by it nije strân. Yn de Linepraat fan dizze moanne docht wol bliken dat Reduzum optilt fan de skûtsjeskippers, matroazen, opstappers, skutsje bestjoersleden en kapteins yn spee, dy't oefenje op in fear pontsje.

Augustus.

It strantsje is al yn gebrûk, mar it ferhúzjen fan de boarterstastellen en de oanskaf fan in nij tastel hat nochal wat fuotten yn d 'ierde. Mar lang om let komt it dochs klear.

Septimber.

Fan út it projekt 'Duorsum' fan de tsjerke wurdt in gearkomste belein yn de sportkantine om te kommen ta in pilot om de enerzjy-ûngelikens te bestriden. De tsjerke hat derta in fûns, mar ek de mûne stifting partisipearret dêr yn, Doarpsbelang set de skouders der ûnder, Elkien docht mei en de sportferienings soargje foar de Handige Harry 's.

Op 'e merke kinne we dit kear 'grizelich lekker' ite, letterlik en figuerlik. It sliepen gie dy nacht by guon minsken minder. Tidens de 'Open energie dag' hold ek de mûne groep in Iepen Dei, mei in stikje foarljochting by de mole yn opbou. Der ride dizze moanne minder bussen troch it nije ferfier skema, de Blauwe Tinte is net mear 'blau' en Café bar De Welp mei bliuwe. Fanwege de heale stoarm wurdt it Frysk kampioenskip einkeoflechtsjen net by Iel en Mear holden, mar yn de loads fan de Ienpleats.

Oktober.

'It leech hingjende fruit', de maklik oan te bringen besunigingsmaatregels (ledferljochting, tocht strips, radiatorfoly, in wetter besparjende brûs kop, briefebus tocht strip, termostaat kraan advys), sil troch in tweintich tal "nep-enerzjycoaches" yn byld brocht wurde en wat handige minsken út de sport sille alles oanbringe. De ferienings wurde troch in stimulearrings fûns fan de gemeente derta beleanne. In lytse twahûndert adressen leverje in oanfraach yn en wurde yn desimber yn elts gefal al foarsjoen fan sa'n 500 ledlampen! In pracht inisjatyf mei in tige hege wurdearrings skoare! Net allinne de fjirde fan dizze moanne, mar it is 'Elke dag Dierendag' neffens ús ôfskie nimmende romrofte feedokter, dy't nei de boek útjefte ek ophâldt mei syn jierrenlange rubryk yn moanneblêden

Novimber.

De aktiviteittekommisje hellet Sinteklaas dit kear op mei help fan de Anguilla en krekt as yn foargeande jierren is de kwis fan Murphy in grut súkses. Gelokkich koe dit wer 'gewoan' by Jeroen en Lutske op 'e boppeseal en waard sa it 'digitaal sjoemeljen' útbanne....Jierrenlang is besocht de âlde wynmûne te ferfangen, einliks is it no sa fier dat de wjukslaggen op it doarp ta komme.

Desimber.

Der sil ûndersyk dien wurde nei de needsaak fan reflektearjende hús nûmerbuordsjes. Op guon plakken yn it doarp en bûtenút binne guon adressen dreech te finen foar mooglike helpynstânsjes. Op Trije Romers wurdt troch trije jonge ûndernimmers in echte Krystsfear organisearre mei gesellige kreamkes, glühwein, snert en muzyk. It glêsfazel-ferdiel punt wurdt pleatst yn de hoeke fan it parkearterrein oan de Stânfriesstrjitte, sadat it doarp as it momint 'dêr' is op it glêsfazel net fan Delta oansletten wurde kin. Oare providers en kabelaars hawwe harren al meld. Der sille grif mear skeppen de grûn yn gear.

Jaaroverzicht

Alweer een jaar voorbij....wat gebeurde er in 2022, in Reduzum?

Januari.

Dit jaar begon zonder voorzitter van Doarpsbelang, maar dat werd in de loop van het jaar rechtgezet. De Blauwe Tent viert z'n heropening na een stevige renovatie. In verband met de beperkende coronamaatregelen vindt er een digitale informatiebijeenkomst plaats met vertegenwoordigers van het gemeentebestuur en dan blijkt er ruimte te zijn voor de ontwikkeling van nieuwe woonvormen en er dus nieuwbouw plaats kan vinden. Doarpsbelang zet er direct een nieuwe werkroep op : Wonen. Intussen heeft slagerij Sixma de deur definitief gesloten.

Februari.

It begint er op te lijken dat de moeilijkste tijd met de coronaproblemen voorbij is. Er kan weer een werkgroepenoverleg plaatsvinden op de bovenzaal van De Welp. Het parkeerterrein bij de haven aan de kant van de ijsbaan is geheel vernieuwd, de verrotte palen en steigers moeten nog. De tour de L'Amour, de Valentijn kuier in de volksmond, was een groot succes. Diverse muziekovertredens, lekkere hapjes, drinken en een bezoek aan de 'liefdesdokter', maar ook een stapje door de deur bij een aantal bedrijven viel heel erg in de smaak.

Maart.

Alle coronamaatregelen worden afgeschaft en onmiddellijk organiseert café-bar De Welp twee avonden achtereen een corona-herstelfeest : een hoe gekker, hoe leuker Proud2bevout en een avond vol Golden Oldies, even gezellig als de voorgaande avond. In het lokaal van de kerk wordt een gemeente-avond georganiseerd over de toekomst van de kerk, leden en niet-kerkleden worden op de hoogte gebracht van de mogelijkheden en de problemen. De AED-apparatuur in de drie dorpen wordt vernieuwd en er zijn herhalingscursussen geweest. Gelukkig was er ook een hele groep nieuwe cursisten, een groep van 40 personen kan nu omgaan met de apparatuur. De beplanting van de Trije Romers wordt aangepakt: de hele zomer en herfst kleur!

Het hele jaar door organiseert Wolwêzen wekelijks koffiedrinken en eens in de maand samen eten. Soms zijn twee vrijwilligers een hele dag bezig om voor een groep van zestien belangstellenden een drie-gangen-menu samen te stellen, maar de waardering maakt alle werk weer goed. In het dorpscafé wordt een voorlichtingsavond georganiseerd door Delta over glasvezel.

April.

Het is een mooi, droog voorjaar en aan de bewoners wordt gevraagd het overhangende groen zodanig in te korten dat de stoep weer vijf tegels breed wordt. Er wordt hard gewerkt aan de uitbreiding van 'het strand'. Het wordt tweemaal zo groot en er komt een bankje bij. Bovendien worden de apparaten uit het speeltuintje aan het begin van het schelpenpad daar naar toe verplaatst. Op de jaarvergadering van Dorpsbelang, onder leiding van tijdelijk voorzitter Ranil Korf zijn het vooral het behoud van het dorpscafé en de vooronderzoeken van de werkgroep Wonen die de boventoon voeren. Wandelaars en fietsers kunnen binnenkort via een QR-code beelden zien en informatie ontvangen van diverse bijzondere plaatsen uit de Redúster geschiedenis. Een tiental objecten wordt op deze manier in beeld gebracht.

Mei.

Na tien jaar van overleg en voorbereiding kan er nu eindelijk begonnen worden met de ontmanteling van de oude dorpsmolen omdat er toestemming is voor het plaatsen van een modernere versie. Het zal nog tot december duren, voordat deze molen staat, op afstand bedienbaar en goed 'ingeregeld' is. De nieuwe voorzitter van Doarpsbelang stelt zich voor. Tijdens haar eerste vergadering kan Djoke Reitsma de werkgroep Romtlike Saken dank zeggen voor al het werk aan de nieuwe dorpsvisie en samen met enkele havenbewoners aan het initiatief-werkplan Droge Haven. De houten damwandconstructie is verrot en de riolering en de natuurlijke waterafvoer geven, zelfs in de huizen van aanwonenden, grote problemen. Er liggen mooie plannen klaar. Dorpskrant Linepraat komt met een informatie-bewaarblad : alle gegevens over adressen en telefoonnummers, openingstijden van bedrijven, dokters, winkels, gemeentelijke instanties in één omslag. Het ligt in de bedoeling om zo'n bijlage twee per jaar aan te passen en vervolgens uit te brengen.

Juni.

Romtlike Saken heeft zich ook druk bezig gehouden met de snelheidsremmers aan de Ayttawei. Er blijven twee plantenbakken staan en het blijkt dat dit voor de gebruikers én de omwonenden acceptabel is. Een sportieve dag met de gymnastiekvereniging, uit de dood herrezen: een enthousiast interim-bestuur organiseert gedurende de hele dag activiteiten, met onder andere yoga, stand-up peddelen op het Zwin en een grote variëteit aan gymlessies in de zaal. QlubbRED heeft voor de jeugd het hele jaar door gezellige avonden, maar de hoogtepunten liggen wél in zomermaanden : met zijn allen zwemmen in de Blauwe Golf en de schuimparty op het terras van het jeugdclubgebouw, ook wel de sportbar genoemd, maar dan door een ander categorie gebruikers.

Juli. Twee grote culturele spektakels in een paar weken tijd. Eigenlijk een beetje te veel van het goede, maar nu de mogelijkheid er weer is, probeert een ieder zich zo goed mogelijk te manifesteren. En beide organisaties zoeken het mooie weer op, beide organisaties kunnen vanwege de diverse gastoptredens niet zomaar naar een ander moment.

De Goddelike Komeedzje 2.0 van theatergroep FIER speelt alle voorstellingen in Friens en het 1^e Muzuder Iepen Loft Festival (MILF), waar maar liefst 500 mensen op af komen, speelt zich af op een tussenliggende zaterdag in Reduzum. Iets kleiner van opzet is de fakânsjeparty van de activiteitencommissie, een gezellig samenzijn bij het strandje voordat een grote groep op vakantie gaat. In de Linepraat van deze maand blijkt dat er in Reduzum geen tekort is aan skûtsjeschippers, matrozen, opstappers, skûtsje bestuursleden en kapiteins in spé, die wekelijks oefenen op een veerpontje.

Augustus.

Het strandje wordt al druk gebruikt, maar de verhuizing van de speeltoestellen en de aanschaf van een extra speelobject heeft even op zich laten wachten, maar is dan toch gerealiseerd.

September.

Vanuit het project 'Duorsum' (duurzaam) van de kerk wordt een bijeenkomst belegd in de sportkantine om te komen tot een pilot om de energie-ongelijkheid te bestrijden. De kerk heeft daartoe een fonds beschikbaar, de windmolengroep participeert eveneens en Doarpsbelang zet de schouders er onder. Woningbouwvereniging Elkien geeft ook zijn fiat en de sportverenigingen zorgen er met een aantal handige mensen voor dat de energiebesparende materialen worden

CHALET VERHUUR IN ITALIE

Camping International in Porlezza aan het Luganomeer

Wij, Rudi & Sita Fennema uit Friens, zijn in het bezit van 5 chalets op bovengenoemde camping.

Wij verhuren deze chalets van april tot en met oktober.

De chalets zijn geschikt tot en met 6 personen. Naast de chalets is een parkeerplaats voor uw auto.

Op de camping is een zwembad met glijbanen waarvan u gratis gebruik kunt maken, geopend van juni tot half september. Er is een speeltuintje met speeltoestellen, trampolines en een voetbalveldje. Tevens is er een (kinder) disco.

Op de camping is een pizzeria waar u heerlijk kunt eten voor een betaalbare prijs. Tevens is er een klein winkeltje en een ijssalon.

Onze chalets zijn gelegen op een mooi rustig gedeelte van de camping, zo'n 3 a 4 minuten lopen naar het schitterende Luganomeer. Het meer loopt langzaam af waardoor het ideaal is voor kinderen om te spelen en te zwemmen.

Langs een beekje naast de camping is een mooie wandel- en fietsroute naar het dorp Porlezza, te voet ongeveer een kwartiertje.

In Porlezza zijn winkeltjes en restaurantjes aanwezig en een supermarkt die 24 uur per dag is geopend.

Voor verdere informatie kunt u een kijkje nemen op onze website chaletverhuurfennema.nl of bellen/mailen naar Rudi & Sita Fennema

Tel. 06-22503834 of 06-50697471 Mail: info@chaletverhuurfennema.nl



Wij wensen u alvast een hele fijne vakantie toe!!

aangebracht. Op de Redúster Merke kunnen we deze keer 'griezelig lekker' eten, letterlijk en figuurlijk : het slapen gaat die nacht bij een aantal mensen iets minder goed. Tijdens de 'Open Energie Dag' hield ook de Mûnegroep Open Dag. Belangstellenden kregen voorlichting over de vorderingen en konden de bouwput aanschouwen en betreden. Er rijden deze maand minder bussen door het nieuwe vervoersschema, de Blauwe Tinte is niet meer 'blauw' en café-bar De Welp krijgt nu definitief z'n vergunning. Vanwege het slechte weer wordt het Fries kampioenschap Eenden korfvlechten niet bij Iel en Mear gehouden, maar speelt deze dag zich af in de loods van boerderij de Ienswei.

Oktober.

'Het laaghangende fruit', de gemakkelijk aan te brengen energiebesuinigingsmaatregels zoals ledverlichting, tochtstrippen, radiatorfolie, een waterbesparende douchekop en thermostaatkraan advies, zal door een twintigtal nep-energiecoaches geïnventariseerd worden. Later dit jaar worden door handige Harry's uit de sport deze adressen opnieuw bezocht en de bestelde materialen gratis geplaatst. Een kleine tweehonderd adressen werden deze maand al voorzien van meer dan 500 ledlampen. Een prachtig initiatief met een zeer hoge waarderingsscore! Niet alleen vier oktober, maar het is 'Elke dag Dierendag' volgens onze onvolprezen veearts. Met de uitgave van zijn boek met die titel komt een einde aan de jarenlange bijdrage in diverse maandbladen.

November.

De activiteitencommissie laat Sinterklaas de haven van Reduzum weer binnenvaren met de Anguilla en net als in voorgaande jaren is 's avonds de Quiz fan Murphy een groot succes. Gelukkig kon dit weer 'gewoon' bij Jeroen en Lutske op de bovenzaal en werd het 'digitaal sjoemelen' uitgebannen. Jarenlang is getracht de bestaande windmolen te vervangen, nu is het eindelijk zover dat iedere omwenteling energie voor de dorpen oplevert.

December.

Er zal een onderzoek gedaan worden naar de noodzaak van reflecterende huisnummer bordjes. Er zijn een aantal adressen moeilijk te traceren in geval van nood en zeker in het donker. Op Trije Romers hebben drie jonge ondernemers de handen ineen geslagen: ze organiseren aan kerstfair met gezellige kraampjes, glühwein, snert en muziek. Een glasvezelverdeelpunt wordt geplaatst in de hoek van het parkeerterreintje aan de Stânfriesstrjitte, zodat het dorp, als het moment 'daar' is, aangesloten kan worden op het glasvezelnet van Delta. Andere providers en kabels hebben zich al gemeld, er zullen vast nog meer scheppen de grond in gaan.

Jeugdwerk Friens

Vorig jaar bij Kruidvat voordelige bioscoopvouchers gekocht ook voor de schoolverlaters. Gisterochtend hiermee met 11 kinderen en 3 vaders; Jeroen, Kanter, Ronald en ik naar de familiefilm hotel Sinestra geweest. De mannen/jongens vooraan op 1 rij naast elkaar en de meiden bovenin gezellig bij elkaar. De relaxfauteuils werden in ligstand gezet en iedereen vond het een leuke, af en toe spannende film. Daarna gingen we als verrassing voor de kinderen naar de Mac. Donalds in Goutum en kregen ze allemaal een Happy Meal. Iedereen vond het een leuk uitje.



Axon Fysiotherapie

Uw prikkel tot herstel



Praktijk voor onder andere:

- Fysiotherapie
- Manuele therapie
- Dry needling
- Fitness & revalidatie
- Behandeling na operatie (ook aan huis)

Bijzonder gespecialiseerd in behandeling van:

- Rugklachten
- Nekklachten
- Schouderklachten
- Hoofdpijn & duizeligheid
- Chronische pijnklachten



AXON FYSIOTHERAPIE

Locaties

Axon Fysiotherapie
Skoallestrjitte 11, Deinum

Gezondheidscentrum Nij Franjum
Franjumbuorsterpaed 10, Marsum

Gezondheidscentrum it Kleaster
It Kleaster 1, Wytgaard

Telefoon

(058) 254 22 83

Email

info@axonfysiodeinum.nl

www.axonfysiodeinum.nl

Hawker Hunter

Juster wie ik mei myn soan Jan yn it Nacionaal Militair Museum op Soesterberg, wy hawwe beide wol belangstelling foar technyk, benammen fan (âlde) auto's en fleanmasines en dan is dit museum in oanrieder, benammen fanwege de fleanmasines. Mar hawwe jo in mear sadistysk trekje yn jo, dan is de wapensamling ek oan te rieden, messen, swurden, harnassen, kanonnen, gewearn, pistoalen, alles wat in minske brûke kin om in oar minske út 'e tiid te krijen is oanwêzich, oardere en fersjoen fan tige doelmjittige byskriften; jo kinne der oeren omstrune. En sadwaande stie ik ynienen yn in hal (it binne de âlde hangaars fan de basis Soesterberg) mei oan 'e souder in grut tal âlde fleanmasines fan ús romrofte Koninklijke Luchtmacht. En dêr hong er: in Hawker Hunter! Dêr fleach de KLM mei tusken 1955 en 1968! En doe wie ik ynienen hast sechtich jier tebek yn 'e tiid. Ik haw it efkes neisocht, mar it hat west op 27 maart 1963, ik wie tsien jier.



Us heit mocht graach fjurkestoke, wy hiene achter yn 'e tún in kûle en dêryn waarden regelmjittich de papierbakken út ús hûs ferbaarnd, ta freugde fan heit en dus ek fan 'e soan; de hillige geast spilet hjir bij gjin rol, nim ik oan. Of it moat de geast wêze dy't dan yn ús fear.

It wie (neffens de krante!) healwei tolven en wij stiene yn dy wat skerpe reek mei in stok om te rieren yn 'e sacht smeulende papieren, doe't der in straaljager lâns it doarp fleach, wy seagen him net, mar it lawaai wie grut. En doe, ynienen, in klap, in dreun, in knal. Wy koene fan ús plak ôf lâns de folkstún fan Witteveen oant it spoar tasjen, dat lei hast in kilometer eastlik fan it doarp, en dêr wie in grutte swarte reekwolk te sjen. Ik sjoch it nôch!

Wy wiene it der wol oer iens: hjir wie wat misgien en it sil by ús heit wol wer wat dingen út 'e oarloch nei boppen brocht hawwe. Al gau die de tamtam syn wurk (der wiene gjin apps, hin?) en hearden wy dat der in straaljager delkaam wie, net



Bron: knipsels Delfer

Straaljager stort in Friesland neer Deense vlieger omgekomen

(Van onze correspondent)

LEEWARDEN, 29 maart — Voor de tweede keer in veertien dagen is in Friesland een straaljager neergestort. Gistermiddag kwam een Hawker-Hunter van de Deense luchtmacht bij het Friese dorp **Noordhulzum**, ongeveer 10 km. ten zuiden van Leeuwarden, met een daverende klap in een weide terecht. De 26-jarige piloot Karl Marslew, afkomstig van Zuid-Jutland, vader van twee kinderen, is hierbij om het leven gekomen.

Het ongeval, waarvan wij gisteren in enkele edities nog melding konden maken, gebeurde ongeveer vier minuten na de start vanaf de vliegbasis Leeuwarden. De vlieger zat toen met zijn toestel nog maar op geringe hoogte en dat is waarschijnlijk mede de oorzaak van zijn dood geweest. Het slachtoffer heeft namelijk nog wel gebruik gemaakt van zijn schietstoel, doch te laat. De schietstoel stortte enkele tientallen meters van het vliegtuig neer terwijl de piloot er nog in zat.

De Deense vliegers zijn in Leeuwarden in het kader van een oefening. Een Nederlands squadron oefent momenteel in Denemarken.

fier fan it fabryk, en dat Hindrik de Jager, ús Centra-man, heit fan Ale de Jager de fisker, dêr flak bij oan it aaisykjen west hie en dat hy de piloat fûn hie, heal ûnder syn parachute. De holle der folsle oer ôf! Ja, minsken hawwe altiten niget hân oan subtile details, sil 'k mar sizze.

De oare deis bin ik mei wat klassegenoaten derhinne fytst, fan út de fierte seach de trechter wâl al, it fleantúch hie neffens de krante him rjocht fan boppen de grûn yn wurke, der wie net mear te sjen as in grutte bomkrater út 'e Earste Wrâldkriich. Der wie gjin plysje mear, it terrein waard doe ek noch net mei linten ôfsetten, wy koene der samar omrinne. En doe seach ik it: der leine yn it gers, in eintsje fan 'e kûle, noch in pear toskan, mei wat fleis, blykber hiene de mannen fan 'e basis de boel net goed bij inoar fandele. No't ik it opskriuwing giet de grize my opnij oer de grauwe! Ik haw der neat oan oerholden, hear, in minske behurdet yn sokke dingen, hin? Der wiene doe ek noch gjin helptroepen, der wie noch gjin slachtofferhelp. Hoe't De Jager dit ferwurke hat, wit ik net, der waard net oer praten.

Neffens de krante fan 28 maart 1963 wie it de Deenske ("luitenant-vlieger") Kaj Marslew, 26 jier, dy't hjir mei in Deenske Hawker Hunter by Reduzum syn drôvich ein fûn hie, der wiene in tal Deenske Hawkers in wike op oefening op 'e Ljouwerter basis. Dat wist ik juster, wylst ik ûnder it fleantúch stie, net mear, mar wol dat it fleantúch neffens de ferhalen, noch altiten yn 'e grûn sit, it sit te djip om op te dollen.

En soks giet dan yn jin om, op in sinnige nijjersdei mei de soan in dei fuort. Apart, no?

Liuwe van der Meer



Tineke Koopmans Pedicure

Ons laagste lichaamsdeel vergeten we wel eens.
Terwijl de voeten ons hele lichaam dragen.
Ook uw voeten verdienen extra zorg en aandacht.

Voor uw behandeling van

- Overtollig eelt
- Kloten
- Likdoorns
- Schimmel (mycose) nagels
- Ingroeiende nagels

Kom eens langs voor een professionele voetverzorging!

Tineke Koopmans
Pedicure

0566 84 04 34

ook voor:
Diabetische voet
Reumatische voet

Aangesloten bij:





Krekt op Maat
maatwerk meubelen & interieur
Voor woningen en bedrijf!

Jan & Hinke Richtsje Miedema
TSIENZERBUORREN 2 REDUZUM
0566-601939 / 06-38935445
www.krektopmaat.nl






Ruime ervaring met Meubels, Interieur en Keukens van alle houtsoorten. Alles met diverse mogelijkheden en afwerkingen als Beton Stuc of natuurstenen werkbladen, metalen onderstellen voor tafels en tuinkussens op maat. Vraag gerust naar de talloze mogelijkheden bij Krekt op Maat!

Straat van de maand

Stânfriesstrjitte

De Stânfriesstrjitte is de straat die loopt vanaf de Master Gorterstrjitte naar het sportveld.

De straat Stânfriesstrjitte heeft 8 adressen. Het oudste gebouw stamt uit het jaar 1966 en het nieuwste huis is gebouwd in 1991. De straat heeft de postcode 9008TG.



Maar waar komt de naam Stânfriesstrjitte vandaan?

De Stânfriesstrjitte is genoemd naar de gymnastiek- en korfbalvereniging Stânfries. Deze verenigingen hebben in het verleden (en nu nog) een belangrijke rol gespeeld in Reduzum. Later hebben de volleybal- en de tennisclub de naam Stânfries ook aangenomen. Stânfries is de geïdealiseerde naam voor "echte" Fries. De Friese edelman Gemma van Burmania, die in 1555 naar Brussel was afgevaardigd om trouw te zweren aan Filips den Tweede van Spanje, aan wie Karel V de regering had overgedragen. Volgens de Oostenrijkse hofgebruiken moest de eed knielend worden afgelegd. Burmania, de Stânfries, wilde echter niet knielen: "Wy Friezen knibbelje allinne foar God". De eed werd staande afgelegd en Filips nam er genoeg mee.

Ut de Fryske keuken

Fryske Sipelsop (8 persoanen)

Yngrediïnten:

1 kilo sipels; 2 tientsjes knyflok; 50 gram boerebûter; 2 liter grienten bûljon; 50 gram wyt moal; snûfke sân; farske mealle piper; snûfke nûtmuskaat; 150 gram Fryske nageltsiis; 1 Fryske drûge woarst; gleske Bearenburch.

Beriedingswize:

- Smelt de bûter yn in grutte soppanne en fruit dêr de fynsniene knyflok en sipels yn ta glêzich.
- Doch de blom derby en lit dy efkes mei bakke, rier goed troch, sadat it net oan 'e boaiem plakken bliuwt.
- Doch piper, sân en nûtmuskaat derby en skeppe alles trochinoar.
- Foech bytsje by bytsje de bûljon ta en doch ek de Bearenburch derby (ast leaver gjin alkohol yn it sop dochst, kinst dy der ek apart by servearje).
- Lit it sop noch sawat in kertierke sêft prottelje.
- Snij de woarst yn tinne skyfkes en de tsiis yn fine reepkes.
- Doch wat woarst en tsiis yn in sop kop of pantsje en skep it hjitte sop derby.

Lekker ite.



Kom werken in de logistiek!

Werff talent biedt volop mogelijkheden.

Vast werk

Tijdelijk werk

Seizoenswerk

Flexibel werk

Dag, nacht of weekend

Vanaf
1 dag per
week!

Opleidingen



Werff  talent
Logistiek werk

Haskeruitgang 101
8447 CK Heerenvveen
0513 - 61 03 80

werken@werfftalent.nl

www.werfftalent.nl



ReduRisk
Adviseurs in Risicobeheer

Balthasar Bekkerwei 72c, 8914 BE Leeuwarden

Op 'e kofje by:

Jouke van der Werff op kantoar

Fan 't hjerst foel it ynienen op: it boerd op de âlde suvelfabryk oan de Ayttawei mei de tekst: 'Friesch Transport museum'. In nije bestimming foar in âld, markant gebou?

Yn 1890 is suvelfabryk 'De Eendracht' boud en is der, oant 1965 ta, hiel wat molke fan boeren út de omkriten ferwurke. Yn it boek 'FerLinepraat' kinne we lêze oer de skiednis fan dy tiid en oer de destiids nije bestimming, Transportbedriuw van der Werff.

'Na sluiting fungeerde het pand nog tot 1965 als opslagplaats van kaas voor de Frico.

Vervolgens heeft winkelbedrijf de Spar het gebruikt voor opslag van groente en fruit, tot het in maart 1972 werd overgenomen door Van der Werff uit Wytgaard. Aanvankelijk als opslagruimte, later, in 1977 werd het gehele transportbedrijf overgeplaatst naar Reduzum. Nu rijden de wagens van 'Van der Werff' uit Reduzum over geheel Europa, soms weer geladen met Friese zuivel. Ook in de opslagruimte liggen regelmatig partijen zuivelproducten opgeslagen.'

En no hat Jouke van der Werff der hiele moaie âlde frachtauto's 'parkeard.'

Op kantoar by Jouke nimme we de mear as 100 jier fan it transportbedriuw troch, sa't it him yn 4 generaasjes, ûntwikkele hat fan Wytgaard fia Reduzum nei It Hearrenfean.

Wêr en wannear is de famylje van der Werff mei transport begûn?

Jouke: 'Us pake Jouke, berne yn 1874 as boeresoan yn Dearsum, is yn 1916 yn Wytgaard begûn. Hy hie yn syn jeugd al aardichheid oan it ferkear fan Ljouwert nei Snits, dat er troch Dearsum riden seach en woe gjin boer wurde. Hy hat earst yn Frjentsjer en letter yn Snits besocht, om mei handel en transport fan foeraazje te begjinnen, mar koe it net fan 'e grûn krije. Doe is er mei syn húshâlding nei in broer yn Dútslân ta gien, mar doe't de Earste Wrâldoarloch útbruts binne se hals oer kop werom kommen yn Fryslân en yn Wytgaard bedarre. Dêr hat er molkritten fan de suvelfabryk yn Wurdum oernommen. Hy helle, mei hynder en wein, by 8 boeren mei 136 kij, op de Weiwise en de Lapedyk ûnder Wytgaard, de molkbussen op.

Yn 1924 hat hy de earste frachtauto oanskaft, in T-Ford en hat him mei in advertinsje yn de Ljouwerter Krante oanbean foar oare ferfiertsjinsten. Sa waarden der ek foeraazje, strie, jirpels en biten ferfierd. Yn 1939 nimt de 2^e generaasje it bedriuw oer: soannen Theo en Sjoerd. Sy wurkje al wat jierren mei en it tal frachtweinen is útwreide nei 3. Mar doe kaam de Twadde Wrâldoarloch en waarden frachtauto's troch de Dútsers foardere, û.o. in nije Chevrolet. Heit Jouke woe dizze auto net kwyt en gie as sjauffeur mei rjochting it suden. De Dútsers lieten de oprjochter fan it transportbedriuw twa wiken lang foar harren útride, oan 't pake Jouke it yn Antwerpen opjout en werom reizget nei Fryslân. De Chevrolet ha se nea wer sjoen. In oare auto wurdt demontearre en yn ûnderdielen yn de grûn bedobbe. Ut in 3^e auto wurdt de motor helle en brûkt as wein achter in hynder.

Nei de oarloch komt it frachtferfier stadich wer op gong, earst mei twaddehânsk Amerikaanske en Kanadeeske leger trucks,

lykas Ford en Chevrolet dump trucks en in Dodge leger truck. Us heit Theo is allinnich mei it bedriuw fierder gien. Omke Sjoerd is foar himsels begûn en letter nei Australië emigrearre.



Neist it ferfier fan suvel en foeraazje, wie der ek hieltyd mear fraach nei ferhuzingen. Minsken fan it Fryske plattelân giene earne oars yn it lân oan it wurk by grutte bedriuwen. Hjirfoar waard in Ford ferhúsauto oanskaft. Yn de 50-er jierren naam ús heit in meiwurker yn tsjinst.'

Wêrom binne jim nei Reduzum ferhuze?

'It bedriuw groeide, mar ferbouwingen en útwreiding fan de loads en it bedriuwsterrein achter de loads yn Wytgaard, bea net genôch romte.

Yn 1972 binne ús heit en mem hjir yn Reduzum kaam te wenjen. De suvelfabryk tsjinne foar opslach en der kaam in wurkpleats. Yn Wytgaard hiene we 2000m² en hjir yn Reduzum 8000m². De gemeente gong akkoard mei de nije plannen foar de suvelfabryk; it wie moai, dat it markante



gebou wer in bestimming krige. Ek is de dyk, de Ayttawei, rjochting Rykswei 32 oanpast: breder makke en beammen kapt.

Yn '79 binne Gjertsje en ik, mei Theo fan 4 en Geartsje fan 2 jier hjir hinne ferhuze en is letter ús Marije berne.

Yn 1984 waarden der plannen oppere foar in ferbreiding fan de Rykswei 32, wêrby't de oansluting fanôf Reduzum en Idaerd komme soe te ferfallen. Wy soene dan mei de frachtauto's troch Reduzum ride moatte. Dit hat hiel wat oerlizzen en petearen mei doarpsbelang, gemeente en Rykswettersteat koste. . .'

Hoe en wannear bisto sels by it bedriuw belutsen rekke?

'Ik ha fan jongs ôf oan belangstelling foar ferkear en frachtauto's hân. Se rieden by ús thús, yn Wytgaard, altyd foar de ruten lâns. Earder wie de Overijsselsestraatweg de ferbining tusken Ljouwert en It Hearrenfean en fierder. Ik ha noait oer wat oars prakkesearre. Fan myn 18^e oant myn 22^e ha ik op 'e frachtauto riden. We hiene destiids 10 – 12 auto's en ús heit siet op kantoar. Op myn 22^e hat ús heit dit oan my oerdroegen. Alle saken, dy't der regele wurde moasten giene doe mei de telefoan, hjoed de dei mei de kompjûter.

Yn Reduzum ha we earst in wurkpleats opsetten; der is in stik fan de fabryk ôfbrutsen, lykas it tsiispakhûs oan de achterkant. Bûten wie der mear romte foar frachtauto's as yn Wytgaard. It bedriuw is yn de rin fan de jierren hieltyd grutter wurden en yn 1999 binne we nei It Hearrenfean ferhuze. De namme is doe ek feroare fan Van der Werff Transport yn Van der Werff Logistics.



Hokker automerken hawwe jim sa al yn bedriuw?

'De earste wie in T-Ford en nei de oarloch in Dodge leger truck, dêr't no ek in eksimplaar fan yn it museum stiet: in Amerikaanske auto, mei it stjoer oan de rjochterkant. Dêrnei in reade DAF, in Nederlânsk automerk en Chevrolet, GMC, Scania, Volvo, Mercedes, Deutz. Yn de 60-er jierren wiene it reade auto's, letter binne we oergien op blau en 2 kleuren metallic.'



Wat wurdt der hjoed de dei sa al ferfierd?

'In soad agraryske produkten, mar gjin 'levensmiddelen', stukgoed, blik, conserven op pallets, bou materialen, lykas hout, dakpannen, isolaasjemateriaal, bou stiel, doarren (van Vuuren), rubber. En hiel inkeld noch in ferhuzing.

Yntiid is it bedriuwsterrein yn It Hearrenfean ek al wer útwreide en binne der oare bedriuwen by oernaam. De lokaasje yn Elshout is ferhuze nei Waalwyk.

Yntusken stiet de 4^e generaasje oan it roer: soan Theo en Arjen Tulner foarmje de direksje.'

Jouke is noch sydlings by it bedriuw belutsen; ek al is it bot feroare en grutter wurden, mei mear as 300 wurknimmers, de belangstelling bliuwt. De nei druk leit op frachtferfier yn Nederlân en oare Europeeske lannen en stêden. Yn It Hearrenfean is de opslach en wurde de trailers fan de frachtauto's laden. Alles giet hjoed de dei digitaal.

Yn 1974 waard de tachograaf oan board fan de frachtauto's ynfierd, dy't de ryd- en rêsttiden fêstlizze. Dizze binne no ferplichte en wurde digitaal, fia de kompjûter op kantoar ôflêzen.



De Dodge

De **Dodge** is ien fan al de oldtimers dy't troch Jouke van der Werff restaurearre is. De lêste Dodge hat yn 1956 it bedriuw ferlitten.

Jouke: 'Ik weet nog heel goed dat de laatste Dodge werd verkocht aan de autosloperij van Harm Poot uit Menaldum (zijn echte naam was Harm Terpstra maar dat wist ik toen nog niet). Het beeld van Harm die met de Dodge wegreed vergeet ik nooit meer. Ik heb hem nagekeken tot het einde van het dorp en hoorde duidelijk dat Harm lang niet zo zorgvuldig met de Dodge omging als heit. De Dodge was de eerste auto in mijn herinnering die zoveel indruk op mij had gemaakt en nu verliet hij het bedrijf. De liefde voor de Dodge is nooit meer overgegaan.'

It is Jouke letter slagge om in Dodge út 1942 op 'e kop te tikjen en te restaurearjen. Karrossery bedriuw 'De Haan' út Hallum makket der oan de hân fan âlde tekeningen laadbakken foar, krekt sa't se der earder mei rieden.

'Heerlijk om er even in te rijden; dan staat de tijd even stil; zoals hij rammelt en ruikt. Het geluid is weer hetzelfde als vroeger'.

*Ut: 'Wy dogge it gewoan. Al hûndert jier',
it jubileumboek oer 100 jier Van der Werff Transport/Logistics*

Hoe ûntstie it idee foar in transport-museum?

'Ik ha myn hiele libben yn de transport sitten en dit is der fan oerbleaun. Ik ha dizze frachtauto's bewarre en se binne restaurearre. Ik bin ein 80-er jierren al mei begûn mei it sammeljen fan âlde frachtauto's. It is myn hobby en in stikje nostalgia. It museum is iepene op 1 oktober. Doe hie ik in reüny organisearre foar ferfier minsken en âld ferfierders. De 100 (âld)-kollega's dy't hjir dy sneons west ha, fûnen it prachtich om elkoar yn it sjauffeurs kafee yn it museum te treffen. Dat dogge we fêst wêr ris!

Fierder is it museum allinnich op ôfspraak te besjen. Takom simmer binne we fan doel om in 'iepen wykein' te hâlden, sadat belangstellenden de moaie âlde frachtauto's besjen kinne.'

Wy ha mei Jouke van der Werff in slach troch it museum, de loads oan de achterkant, makke en ús eagen útsjoen. Sa'n ferskaat oan âlde frachtauto's, strak yn 'e lak, mei de bedriuw logo's en de orizjinele kentekenplaten der op!

Ype Dijkstra en Jantsje Kalsbeek

Kerstbomen-actie

Op woensdagmiddag 11 januari hebben de leerlingen van groep 6, 7 en 8 meegeholpen aan het inzamelen van kerstbomen. Deze actie werd georganiseerd door de gemeente Leeuwarden. De bomen worden door de gemeente op een milieuvriendelijke wijze versnipperd en gecomposteerd. De leerlingen ontvingen voor iedere ingezamelde kerstboom een lot en de school €0,50 per kerstboom. In totaal zijn er 150 kerstbomen ingezameld en bij de verloting vielen Fedde-Tabbe Fennema (groep 7) en Wietse van Balen (groep 8) in de prijzen. Beide jongens wonnen een boekenbon.



Nieuw vanaf 2023

In 2023 verandert de afvalstofheffing in onze gemeente. Afvalstofheffing is wat u betaalt om uw afval te verwerken. In 2023 bestaat de afvalstoffenheffing uit twee delen. Een vast bedrag en een wisselend bedrag. Door afval te scheiden heeft u invloed op het wisselende bedrag. U betaalt minder als u uw afval goed scheidt en minder restafval inlevert.

1. U betaalt per jaar een vast bedrag



€ 191,22

Eenpersoonshuishouden



€ 286,83

Meerpersoonshuishouden

Op dit bedrag heeft u geen invloed. Het vaste bedrag hangt ervan af of u alleen of met meer mensen woont.



2. U betaalt per jaar een wisselend bedrag

De hoogte van het wisselende bedrag is afhankelijk van hoe vaak u de Sortibak (grijze container) aan de weg zet en het gewicht van uw afval. Maakt u gebruik van een ondergrondse container? Dan betaalt u per klepbeweging.

U heeft zelf invloed op de wisselende kosten door goed te scheiden, want dan houdt u minder restafval over.



Grijze Sortibak bij huis laten legen: **€1,00** per keer.

+ per kilogram in de grijze Sortibak: **€0,09** per kilo.

of



Zak in de ondergrondse restafvalcontainer: **€0,73** per klepbeweging.

Goed terecht in Leeuwarden

Wanneer betaal ik wat?



U krijgt de rekening voor het vaste bedrag van 2023.



U krijgt de rekening van het vaste bedrag voor 2024 + de afrekening van het wisselende bedrag voor het restafval van 2023.



Bekijk uw gewichten

Benieuwd hoeveel afval u aanbiedt? Download de Omrin Afvalapp via de App Store of Playstore en maak een account aan. Na activatie ziet u hoe vaak en hoeveel restafval u heeft aangeboden. Vanaf maart kunt u dit ook inzien via belastingbalie.leeuwarden.nl



Regelingen

Om inwoners te helpen zijn er een aantal regelingen. Bijvoorbeeld als u een laag inkomen heeft, of veel medisch afval. Ook zijn er regelingen voor bijvoorbeeld grofvuil en zwerfafval. Op de website www.goedterechtinleeuwarden.nl leest u meer.

Meer weten?

We begrijpen dat u vragen heeft. Op de website www.goedterechtinleeuwarden.nl vindt u meer informatie. Hier staat ook een lijst met vragen en antwoorden voor u klaar. En u vindt er tips om uw afval te scheiden.

Staat uw vraag hier niet tussen? Neem dan contact op met de gemeente via telefoonnummer 14 058.

HEB JIJ RECHT OP EEN VERGOEDING VOOR ENERGIEKOSTEN?



WWW.LEEUWARDEN.NL/ENERGIETOESLAG

Moeite om de energierekening te betalen? Kijk of je recht hebt op een vergoeding.

Gas en stroom zijn duurder geworden. Veel mensen moeten nu meer betalen en komen in de problemen. De gemeente heeft een regeling gemaakt om te helpen.

Er is een regeling voor drie groepen:

Voor mensen met een inkomen lager dan 125% van de bijstandsnorm

Voor deze mensen was er al een regeling. In 2022 hebben zij € 1.300 ontvangen. Ook krijgen zij in 2022 alvast een bedrag voor 2023. Dit is € 500. De gemeente besluit later of er nog extra geld komt in 2023. Behoor je tot deze groep? Je hoeft de vergoeding van € 500 niet aan te vragen. Je ontvangt het geld automatisch.

Voor mensen met een inkomen dat ligt tussen de 125% en 150% van de bijstandsnorm

Deze vergoeding is nieuw. Hoeveel geld je krijgt, hangt af van je inkomen. De vergoeding kan € 300,-, € 500,- of € 800,- zijn. Je moet deze vergoeding voor 1 maart 2023 aanvragen bij de gemeente Leeuwarden. Je vraagt de vergoeding aan door een formulier in te vullen. Dit formulier vind je op www.leeuwarden.nl/energietoeslag.

Voor studenten met een inkomen lager dan 150% van de bijstandsnorm

Deze vergoeding is nieuw. Je vraagt de vergoeding aan per studentenhuishouden. Dit moet voor 1 maart 2023. De vergoeding ligt tussen de € 300 en € 1.300. Je moet laten zien dat je energiekosten hebt. Dit kun je doen door een energiecontract te laten zien. Of door te laten zien dat je een bedrag betaalt voor gas en elektra aan de verhuurder. Meer informatie vind je op www.leeuwarden.nl/energietoeslag.

Hulp nodig?

De energievergoeding vraag je aan via de website van de gemeente Leeuwarden. Heb je hulp nodig bij het aanvragen van de vergoeding? Ga dan naar een buurt- of dorpskamer. Je vindt daar het Buurtservicepunt, zij helpen je bij het invullen van het formulier. De openingstijden vind je op www.leeuwarden.nl/buurtendorpskamers.

De dierenarts vertelt

Kent u het verhaal van de chihuahua, boomer en de pomerans?

Met deze dagen is het gezellig om elkaar op te zoeken. Dat deden ook de baasjes van Chablis, Beer en Bohdi. Na een uitje kwamen zij thuis en toen bleek dat de honden zelf ook een feestje hadden gehouden: De marsepein met chocolade was op.

Nu wisten de baasjes dat chocolade giftig is voor honden en hebben zij mij uit mijn bed gebeld rond middernacht. Het lot van de dienstdoende dierenarts. Daar stonden ze in de praktijk, begeleid door een prettig gezelschap van 4 baasjes: de chihuahua, de boomer en de pomeriaan.

Wie was de schuldige? Of waren ze het alle drie? Kwispelend van onschuld stonden zij voor mij. Omdat niemand de schuld ging bekennen, moesten we alle drie de hondjes laten braken. Eén voor één gingen ze op de weegschaal en kon ik voor elk gewicht de juiste dosering 'braak-medicatie' berekenen. Elk

kregen ze een prikje in de bil en heb ik ze naar buiten gestuurd, met de baasjes, terug de vrieskou in.



Vijf minuten na de injectie was de chihuahua de eerste die braakte; alleen maar slijm. De volgende was de boomer; een grote flats bruine brokken met gesmolten chocola. De pomeriaan hield zich het langst goed. Pas na een kwartier in de vrieskou moest ook deze braken: een beetje helder slijm. Conclusie: het was enkel de boomer. Daar lagen in de nachtelijke vrieskou drie misselijke hondjes op het grasveld voor de praktijk. Ik hoop dat ze ervan geleerd hebben... (ik ben bang van niet).



Dierenartsenpraktijk Reduzum-Grou
Met **hart** voor dieren,
in het **hart** van Fryslân

Thijs Brands

DE BIJPRAATTAFEL



op vrijdag 27 januari
van 16.30 tot 19.00 uur in het café

Jelly en Rinie



Blauwe Tent

Lunch & Diner

Gewoon lekker eten in een gezellige
ambiance. Betaalbaar, puur,
(h)eerlijk en lokaal.

Overijsselsestraatweg 6, 9008 TS Reduzum
www.blauwetent.nl • info@blauwetent.nl

Bûtenkskoalse opfang
Foar de bern fan de basisskoalle

IT SUTELPLAK



Haedstrjitte 29, Reduzum

info@itsutelplak.nl www.itsutelplak.nl

06-10099030/0566-602434

Café bar de Welp



Café bar "De Welp"
Haedstrjitte 14, 9008 SP Reduzum
Tel: 0566 601541
www.cafebardewelp.nl
info: cafebardewelp@hetnet.nl
Voor al u feesten en partijen,
kom gezellig langs bij fam. Van Dijk.

Tineke Jellema

• OFFICE SUPPLIES • KANTOORINRICHTING

1 Scherp geprijsd 2 Snel geleverd 3 Gratis bezorgd



• www.tinekejellema.nl • Reduzum • Tel. 06 51 99 55 37

Mededelingen

Oppas foar Lady socht

Wy binne Tjitske en Nick en wy wenje yn it moaie Reduzum oan de Haedstrjitte. Wy hawwe in cockerspaniël en no is ús fraach: "Wa fynt it leuk om op moandei en tiisdei ús hûn, tusken de middei, út te litten?"

En yn de fakânsjes op de dagen dat Tjitske de hiele dei wurkje moat. Wa wurdt ús fleksibele oppas foar Lady?

Stjoer mar in appke nei ien fan de folgjende nûmers: Tjitske 06-43981650, Nick 06-40110798.



Wij zijn gesloten op 17 en 18 februari en op 24 en 25 februari.
Ale en Marjan de Jager

Kika korte broeken actie.

De Trije Doarpen Skoalle (TDS) heeft in de week van 19 t/m 23 december mee aan de actie: Kika Korte Broek. Een actie die de TDS aan het hart gaat. Afgelopen jaren had de TDS te maken gehad met twee van de leerlingen die kanker kregen. De kinderen en leerkrachten besloten hiervoor in actie te komen en sloten zich aan bij de korte broeken actie van Kika.

Er werd als doel gesteld €4500,- op te halen. Op de tweede actiedag (dinsdag) was dit streefbedrag al bereikt. Tijdens de radio opnames van Omrop Fryslân zagen ze op het digibord de teller op €4500,- komen. Na groot gejuich werd er meteen door de kids geroepen: "Dan willen we ook het meeste geld van iedereen ophalen!". Ook was oud leerling Bente even terug op de TDS. Toen zij in groep 8 zat kreeg zij de diagnose botkanker. Samen met haar moeder vertelde ze over kanker, het Prinses Maxima Centrum en Kika. Gemotiveerd door het verhaal van Bente en het feit dat zij met blote benen levens redden, gingen de kids meteen na schooltijd weer in actie, om meer geld op te halen. Dit om hun droom te bereiken.

De kinderen in Friens waren ook opzoek naar sponsors. Dorpsgenoot Sybe bood de oplossing aan: "Help in onze tuin, de betaling is voor KIKA." Hierop zetten drie andere sponsors spontaan de 'verdubbelaar' in. Negen kinderen hielpen Sybe de takken op te ruimen. Sybe verhoogde de verdiensten met een 'Koude toeslag'! De teller op school schoot met 200 euro omhoog!

